



Taljochtingsdokumint

DEFINITIVE KONSEPTKEARND OELEN

FRYSKE TAAL & KULTUER, OANPASTE FERZJE 2025

Kolofon

Desimber 2025

Mits de boarne fermeld wurdt, is it tastien sûnder foarôfgeande tastimming fan de útjouwer dizze útjefte hielendal of foar in part te kopiearjen en/of te fersprieden en om ôflaat materiaal te meitsjen dat op dizze útjefte basearre is.

Auteurs:

Ferdau Terpstra, Bernadet de Jager, Elly Attema, Fardau Visser.

Mei tank oan:

De fjildgroep, eksterne adviseurs, belanghawwenden en SLO.

Ynformaasje

Cedin

Lavendelheide 21, Drachten

Telefoan: 088 0200 300

Ynternet: www.cedin.nl en www.kurrikulum.frl

E-mail: info@cedin.nl

Ynhâld

Side

1. YNLIEDING
 - 1.1 Opdracht oan Cedin
 - 1.2 Eftergrûn aktualisaasje
 - 1.2.1 Plak fan de kearndoelen yn it ûnderwiis
 - 1.2.2 Twa sets kearndoelen
 - 1.2.3 Spesjaal ûnderwiis
 - 1.2.4 Soarten kearndoelen en de opbou fan in kearndoel
 - 1.2.5 Untwerpromte
2. OANPAK FAN DE AKTUALISAASJE
 - 2.1 It proses fan de aktualisaasje
 - 2.2 Gearstalling realisaasje team en fjildgroepen
 - 2.3 Advyskring: ekspêrts en belanghawwenden
 - 2.4 Gearwurking mei SLO en ôfstimming mei it leargebiet Nederlânsk
 - 2.5 Faze fan probearjen: prosesbeskriuwing
 - 2.5.1 Doel fan de faze fan probearjen
 - 2.5.2 Wurkwize fan de faze fan probearjen
 - 2.6 Oanpaste ferzje 2025
 - 2.6.1 Oanfoljende opdracht

2.6.2 Algemiene útgongspunten foar klustering

3. YNHÂLDLIKE TALJOCHTING

3.1 Spesifike útdagings aktualisaasje leargebiet Fryske taal & kultuer

3.1.1 Maatskiplike en kurrikulêre útdagings

3.1.2 Fakspesifyk ferrin fan de aktualisaasje

3.2 Taljochting op de karakteristyk

3.2.1 Doeldomeinen: kwalifikaasje, sosjalisasje en persoansfoarming

3.2.2 Ynterne gearhing fan it leargebiet

3.2.3 Eksterne gearhing fan it leargebiet

3.3 Utkomsten faze fan probearjen

3.4 Taljochting op de definitive konseptkeardoelen, oanpaste ferzje 2025

3.4.1 Oerwagings by yndieling klusters

3.4.2 Oanpassings yn formulearring fan konseptkeardoelen 2024

3.4.3 Taljochting op it ramtwurk

3.4.4 Taljochting op karren yn soarten doelen: oanbod, behearsking en ûnderfining

3.4.5 Trochrinnende learline

3.4.6 Oandacht foar gearhing

3.4.7 Beskôging op de oanpaste ferzje 2025

3.5 Taljochting op kwaliteitseasken dy't oer alle leargebieten hinnegeane

3.5.1 Ferbinende feardichheden

3.5.2 Ferskaat

3.5.3 Ynklusiviteit

3.5.4 Taaltinkfunksjes

3.5.5 Digitale taalfeardichheid

3.5.6 Karriêreûntwikkeling en -begelieding

4. SLOTOPMERKINGS EN ADVIZEN

4.1 Ympuls foar it leargebiet

4.2 Ymplemintaasje

4.2.1 Advizen foar ymplemintaasje nei de faze fan probearjen

4.2.2 Ymplemintaasje yn relaasje ta it *referinsjeramt Frysk*

Referinsjes

Taheakken

1. Startnotysje
2. Gearstalling realisaasje team
3. Gearstalling fjildgroep faze fan probearjen

1. Ynlieding

1.1. Opdracht oan Cedin

Foar de ûntwikkeling fan de konseptkeardoelen hat de provinsje Fryslân nei in oanbestegingstrajekt de opdracht oan Cedin tawiisd. Yn de oanbesteging stiet dat by de aktualisaasje fan de nije keardoelen gebrûk makke wurde moat fan de produkten dy't yn de startfaze (2018-2020) al ûntwikkele binne en dat de keardoelen foar Fryske taal & kultuer wat foarm en taalgebrûk oanbelanget oanslute moatte by it lanlik kurrikulum. Dêrfoar is gearwurke mei ekspêrts fan SLO. De oanpak fan de aktualisaasje is safolle mooglik ôfstimd op de wurkwize fan SLO. As de praktyksituaasje frege om ôf te wiken fan de plende wurkwize, is dat altyd dien yn oerlis en mei ynstimming fan de provinsje Fryslân.

Ek is dernei stribbe om de oplevering en de fêststelling fan de keardoelen foar Fryske taal & kultuer lykop rinne te litten mei de keardoelen foar Nederlânsk. Dêrfoar hawwe meardere redenen west. De earste reden is dat Frysk foar in part fan de learlingen yn Fryslân in basisfeardichheid is. It ûnderwiis hat de opdracht om de basisfeardichheden fan de learlingen te fersterkjen. Om it Frysk it plak te jaan yn de oanpak fan basisfeardichheden is it wichtich dat de keardoelen tagelyk ree binne, sadat de beide talen yn de ymplementaasjefaze yn gearhing foarm krije kinne. Wichtich útgongspunt dêrby is dat de ferhâlding tusken Nederlânsk en Frysk proporsjoneel wêze moat en basearre op lykweardigens fan beide talen. De twadde reden is dat it mei it each op de posysje fan it Frysk as twadde rykstaal net winsklik is dat it Frysk in minder wichtige posysje taparte krijt inkeld om't keardoelen yn in letter stadium ree wêze soene.

Nei de oplevering fan de konseptkeardoelen 2024 krige SLO nei oanlieding fan it haadline-akkoart (Kabinet Schoof) in oanfoljende opdracht fan it ministearje fan OCW om de keardoelen mear yn gearhing te presintearjen. Cedin en provinsje Fryslân hawwe besletten om deselde oanpassing te dwaan sadat de keardoelen Fryske taal & kultuer yn foarm en formulearring gelyk bliuwe oan de keardoelen fan oare leargebieten. Dat hat laat ta in fermindering fan it oantal keardoelen, wêrby't oan de winsk fan konkrete útwurking temjitte kaam wurde koe.

1.2 Eftergrûn aktualisaasje

1.2.1 Plak fan de keardoelen yn it ûnderwiis

Kearndoelen jilde as wetlike opdracht foar alle skoallen yn it fundearjend ûnderwiis. Skoallen yn de Fryske taalgebieten fan Fryslân hawwe de wetlike opdracht om omtinken te jaan oan de keardoelen Fryske taal & kultuer.

De hjoeddeistige keardoelen binne sûnt 2006 fan krêft. Underwiiskundige, fakspesifike en (regionaal-) maatskiplike ûntjouwings freegje om aktualisaasje fan de keardoelen. Dêrby is foar it hiele kurrikulum de winsk útsprutsen ta gearhing, weromkringen fan oerladenheid en it fersterkjen fan de trochrinnende learlinen. De aktualisaasje fan de keardoelen Fryske taal & kultuer slút dêrneist oan by de ambysje fan de

provinsje Fryslân en it Ryk om it ûnderwiisoanbod foar it leargebiet te fersterkjen.

De nije konseptkearndoelen binne ûntwikkele mei yn it foar stelde kritearia, mei it doel dat se mear rjochtingjaand binne foar kurrikulum- en ûnderwiisûntwikkeling as de kearndoelen fan 2006. Dy kritearia binne troch it ministearje OCW fêstlein yn de wurkopdracht oan SLO. Dy kritearia ha ek rjochtingjaand west foar de ûntwikkeling fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer.

De kearndoelen foar Fryske taal & kultuer beskriuwe ynhâlden dêr't alle learlingen yn de Fryske taalgebieten rjocht op hawwe. De kearndoelen binne sa beskreaun dat skoallen romte behâlde om it kurrikulum stal te jaan op in wize dy't past by de eigen skoalfyzje, learlingpopulaasje of identiteit.

1.2.2 Twee sets kearndoelen

Krekt as by de oare leargebieten binne foar Fryske taal & kultuer twa sets kearndoelen ûntwikkele: in set foar it primêr ûnderwiis ein groep 8 en in set foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis ein klasse 2 tmbû of klasse 3 hafû/twû. Om de trochrinnende learline nei it boppebou- en eksamenprogramma fan hafû en twû te boargjen, binne yn de set foar it fuortset ûnderwiis oanfolgings foar de tredde klasse hafû/twû opnommen.

1.2.3 Spesjaal ûnderwiis

Foar it spesjaal ûnderwiis wurdt in aparte set kearndoelen ûntwikkele. Dy set moat oanslute by de ferletten en mooglikheden fan de learlingen yn dy sektor. Dy set wurdt ûntwikkele yn gearwurking mei de profesjonals dy't wurksom binne yn dy sektor. Fierder hat de provinsje Fryslân oan Cedin frege om te ûndersykjen oft it mooglik en needsaaklik is om foar it spesjaal basisûnderwiis en it praktykûnderwiis aparte kearndoelesets gear te stallen.

1.2.4 Soarten kearndoelen en de opbou fan in kearndoel

De kearndoelen beskriuwe de ynhâlden fan it ûnderwiis. By de aktualisaasje fan de kearndoelen is lanlik ynstutsen op wichtige skaaimerken: ambisjeus en betsjuttingsfol. In ambisjeus kurrikulum leit de basis foar in rike, krêftig learfermidden. Learlingen ûntwikkelje feardichheden as it ûnderwiis har dêryn útdaget en stipet mei each foar ferskillen tusken learlingen. Betsjuttingsfol ûnderwiis rjochtet him net allinnich op kwalifikaasje (kennis en feardichheden) mar ek op sosjalisaasje en persoansfoarming (kennis fan dysels, de oar en de wrâld).

De kearndoelen foar Fryske taal & kultuer hawwe deselde basis as de lanlike kearndoelen. De ambysje fan de aktualisearre kearndoelen slút oan by de ambysjes en ôfspraken dy't makke binne tusken ministearje en provinsje, en dy't fêstlein binne yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). De fyzje op it leargebiet is rjochte op it funksjoneel en betsjuttingsfol ynsetten fan de Fryske taal.

De kearndoelen Fryske taal & kultuer binne yn foarm en formulearring gelyk oan de kearndoelen fan Nederlânsk en oare leargebieten. De kearndoelen beskriuwe de ynhâlden fan it ûnderwiis yn termen fan

kennis, feardichheden en hâldingen. Der wurde ferskillende soarten doelen ûnderskaat:

- **Oanbodsdoelen:** Oanbodsdoelen beskriuwe wêr't in skoalle yn har ûnderwiisoanbod foar te soargjen hat. Om dy reden begjinne alle oanbodsdoelen mei 'De skoalle moat (...)'. Oanbodsdoelen rjochtsje har op leargebietspesifike rânebetingsten dêr't de skoalle noed foar stean moat, sadat de folsleine set kearndoelen realisearre wurde kin;
- **Beharskingsdoelen:** Beharskingsdoelen beskriuwe de kennis, feardichheden en hâldingen dy't learlingen berikke moatte yn it pû, en de ûnderbou fan it fû. Beharskingsdoelen begjinne mei 'De learling (...)';
- **Underfiningsdoelen:** Underfiningsdoelen beskriuwe hokker ynspannings fan learlingen oft ferwachte wurde mei it each op ûnderfinings en/of ekspressive reaksjes. In ûnderfiningsdoel biedt learlingen wat of lokket wat by har út dat harren hoarizon ferbreedzje kin of harren kennis ferdjipje kin, harren ta persoanlike ynsichten bringe kin of oars bydrage kin oan harren wearde-orïntaasje. Underfiningsdoelen begjinne mei 'De learling (...)';
- **Hybride doelen:** Underfinings- en beharskingsdoelen kinne ek beide foarkomme yn itselde kearndoel. Dat wurdt dan in hybride kearndoel neamd. Hybride doelen begjinne mei 'De learling (...)'.

Yn paragraaf 3.4.4 wurdt taljochte hokker fan de boppeneamde soarten doelen oft foarkomme yn it aktualisearre kurrikulum Fryske taal & kultuer en hokker karren oft dêrûnder lizze.

Yn de nije kearndoelen binne kennis en feardichheden safolle mooglik yn gearhing beskreaun. Dêrmei wurdt dúdlik wat ferwachte wurdt fan it ûnderwiisoanbod fan skoallen en wat alle learlingen kenne, kinne en ûnderfûn hawwe moat (SLO, 2025). Kearndoelen besteane út:

- **In kearnsin:** De kearnsin is in oerkoepeljend ûnder wurden bringen fan de ynhâld ûnder de doelsinnen. De kearnsin is noch gjin oanbods-, beharskings- of ûnderfiningsdoel. De kearnsin is sa koart en kearneftich mooglik formulearre;
- **Doelsin(nen):** De doelsin omskriuwt in oanbods-, beharskings- of ûnderfiningsdoel en makket dúdlik wat fan de skoalle/learling ferwachte wurdt oangeande oanbod of ûntwikkeling fan kennis, feardichheden en/of hâldingen. De doelsin is formulearre yn ABC-foarm: audience (publyk: de skoalle of de learling), behaviour (gedrach, bygelyks: fiert petearen, skriuwt), en content (learynhâld, bygelyks: taalfariaasje, teksten). It maksimale oantal doelsinnen ûnder in kearnsin is 4;
- **Utwurkings:** Doelsinnen wurde punt foar punt útwurke ûnder 'it giet hjirby om'. It maksimale oantal útwurkings ûnder 'it giet hjirby om' is 5.

It gehiel fan kearnsin, doelsin(nen) en útwurkings foarmet it wetlike kearndoel. De kearndoelen Fryske taal & kultuer hawwe deselde opbou as de lanlike kearndoelen.

1.2.5 Untwerpromte

De lanlike kearndoelen binne ornearre foar 70% fan de ûnderwiistiid. Dêrmei wurdt op lanlik nivo de

kearn fan it kurrikulum fêststeld yn wet- en regeljouwing en bliuwt binnen it ûnderwiis romte om sels ûnderwiistiid ta te kennen of oare aksinten te lizzen op grûn fan ûnder oare populaasje, denominaasje of profilen fan skoallen.

SLO hat de 70% ûntwerpromte ferparte oer de ferskillende leargebieten. Dat foarme foar alle kearndoeleteamen in rjochtlâne foar it oantal te ûntwikkeljen kearndoelen foar it oanbelangjende leargebiet. It doel dêrfan is oerladenheid yn de ûntwikkelfaze tsjin te gean.

It leargebiet Fryske taal & kultuer ken in bysûndere posysje. It makket nammentlik gjin diel út fan de nisneamde 70%. Fryske taal & kultuer falt binnen de saneamde frije romte dy't skoallen de mooglikheid biedt om yn it eigen kurrikulum aksinten te lizzen dy't passe by harren learlingpopulaasje.

Frysk is yn Fryslân in basisfeardichheid. De ûntwerpromte is basearre op de ambysje fan it Ryk en de provinsje Fryslân dat alle learlingen de kâns krije moatte om kennis en feardichheden te ûntwikkeljen oangeande de Fryske taal en kultuer. Der binne meardere arguminten te neamen om mear ûntwerpromte te nimmen foar Fryske taal & kultuer as foar de moderne frjemde talen, dêr't SLO it leargebiet mei fergeliket.

1. Ut ûndersiken docht bliken dat foar it learen fan in taal minimaal 1 oere wyks nedich is. Om dy reden is foar de ûntwerpromte útgien fan in minimaal oanbod fan 1 oere wyks fan groep 1 o/m 8 yn it pû en yn alle klassen fan de ûnderbou fû;
2. Frysk is foar in oantal learlingen de earste taal. Om taalfeardichheden út te wreidzjen en te ferdjipjen is in oanbod nedich dat fierder giet as 'de basis'. Boppedat hat it Frysk de status fan twadde rykstaal en hat it in oare posysje en rol yn it deistich libben as de moderne frjemde talen. Dat freget om mear ynhâlden as dat de moderne frjemde talen oanbiede;
3. By it learen fan nije talen kin gebrûk makke wurde fan universele feardichheden en kennis. Kennis en feardichheden dy't learlingen leare yn it leargebiet Nederlânsk hoege net nochris oanleard te wurden yn it leargebiet Fryske taal & kultuer. Sokke kennis en feardichheden kinne wol tapast wurde by it learen fan Frysk wêrtroch't it learen fan de taal makliker ferrinne kin. Troch gebrûk te meitsjen fan universele feardichheden binne de doelen fan Fryske taal & kultuer helber;
4. De doelen fan it leargebiet kinne sawol binnen it leargebiet yn gearhing foarm krije as binnen oare leargebieten. Kennis en feardichheden oangeande de Fryske taal en kultuer kinne dus yntegrearre leard wurde wêrtroch't it minder tiid kostet. De helberens fan dy yntegraasje is hifke yn de faze fan probearjen.

Op basis dêrfan is in oantal kearndoelen beneamd as útgongspunt foar it aktualisaasjeproses.

De ûntwerpromte is mei de provinsje Fryslân, it ministearje fan ûnderwiis en de SLO besprutsen. Yn it oerlis fan 17 novimber 2023 mei Provinsje Fryslân, OCW, SLO en Cedin hawwe provinsje en ministearje besletten dat se de ûntwerpromte en it oantal konseptkearndoelen passend fine by de Fryske kontekst en

de ambysjes fan Ryk en provinsje, sa't dy beskreaun binne yn de BFTK. Dêrby is troch it ministearje fan OCW advys jûn om yn de faze fan probearjen te ûndersykjen oft de útfiering fan it oantal kearndoelen helber is yn de ûnderwiispraktyk. De opset fan de faze fan probearjen is te lêzen yn paragraaf 1.4, útkomsten binne yn haadstik 3 opnommen.

Yn deselde perioade as de faze fan probearjen is wurke oan it op 'e nij besjen fan de kearndoelen nei oanlieding fan de oanfoljende opdracht (sjoch paragraaf 2.6). Dêrby is it oantal kearndoelen fan 10 (pû) en 11 (fû) werombrocht nei 5 kearndoelen foar pû en fû, troch ynhâlden te klusterjen. Dêrby is hannele neffens de rjochtline fan SLO: it oantal kearndoelen mei net mear wêze as it oantal domeinen fan it leargebiet. Yn paragraaf 3.4 wurdt de kar foar de domeinen yn it ramtwurk taljochte.

2. Oanpak fan de aktualisaasje

2.1 It proses fan aktualisaasje

De aktualisaasje fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer hat in oantal jierren yn beslach nommen. Dêryn spilet mei dat yn 2021 de aktualisaasje fan de kearndoelen kontroversjeel ferklearre waard nei de fal fan it kabinet en earst yn 2022 wer úteinsette koe. Nei oanlieding fan in moasje yn de Twadde Keamer yn 2024 joech OCW oan SLO in oanfoljende opdracht foar de aktualisaasje. Dy feroarings hiene ek gefolgen foar de oanpak en fuortgong fan de aktualisaasje fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer. Om't de opdracht oan Cedin wie om ôf te stimmen mei SLO koene wy net earder fierder as SLO syn koers wer útset hie. Ek wiene wy ôfhinklik fan SLO foar wurkynstruksjes en koene wy dus earst fierder sadree't SLO dy ynstruksjes oanpast hie.

Ein 2022 is it proses fan aktualisaasje (wer) úteinset. De earste moannen (septimber-oktober 2022) binne bestege oan de ûntwikkeling fan de startnotysje.

Yn de perioade novimber – desimber 2022 is wurke oan it ramtwurk en it fêststellen fan de winske en realistyske ûntwerpromte. Earst hat der oerlis oer de ûntwerpromte west tusken fjildgroep, realisaasjeteam en de provinsje Fryslân. Utgangspunt foar it oerlis wie it foarstel ûntwerpromte fan SLO. De ûntwerpromte hat dêrnei ûnderwerp fan petear west yn in oerlis tusken realisaasjeteam, provinsje Fryslân, SLO en it ministearje OCW. It ramtwurk is nei oanlieding fan feedback fan de SLO, mar ek ûnder it skriuwen fan de konseptkearndoelen, mear as ien kear oanpast en ferfine. De karren en ûnderlizzende dilemma's wurde yn paragraaf 3.4 taljochte.

Yn de perioade desimber 2022 – maaie 2023 is ynset op it skriuwen fan konseptkearndoelen. Dat is per domein oanpakt. Kurrikulumekspêrts en it redaksjeteam fan SLO hawwe yn dy perioade mear as ien kear feedback jûn op sets konseptkearndoelen, sawol op ynhâld as op foarm.

Yn de perioade oktober – desimber 2023 is dy feedback ferwurke en is wurke oan it taljochtingsdokumint. Yn dy perioade hat noch in oerlis west tusken Provinsje, OCW, SLO en Cedin dêr't it oantal kearndoelen op grûn fan de keazen ûntwerpromte troch Cedin yn taljochte binne. Yn dat oerlis is troch OCW oanjûn dat de karren begryplik binne en passend by de BFTK.

Yn febrewaris 2024 binne de konseptkearndoelen 2024 oanbean oan de deputearre fan de provinsje Fryslân, mefrou Folkerts.

Yn de perioade septimber 2023 – desimber 2024 hat de faze fan probearjen west. Doel fan dy faze is it hifkjen fan de helderheid fan de formulearring en it hifkjen fan de helberens om doelen yn de praktyk oan te bieden. Tagelyk mei it probearjen fan de helberens en brûkberens fan de kearndoelen is sjoen nei

de ymplemintaasjefraachstikken. Oer de opset fan de faze fan probearjen is te lêzen yn paragraaf 2.5. De útkomsten fan de faze fan probearjen oangeande it oanpassen fan it oantal keardoelen of de formulearring binne te lêzen yn paragraaf 3.3. Utkomsten oangeande de ymplemintaasjefraachstikken binne te lêzen yn paragraaf 4.2.

Nei de faze fan probearjen hat der noch in oanpassing fan de keardoelen west. It oanpassingsproses wurdt yn paragraaf 2.6 taljochte. Utkomsten dêrfan en de effekten op de foarm en formulearring fan keardoelen binne yn paragraaf 3.4 opnommen.

2.2 Gearstalling realisaasje team en fjildgroepen

Yn septimber 2022 is in begjin makke mei it opstellen fan de nije keardoelen foar it leargebiet Fryske taal & kultuer. Dêrfoar binne in realisaasje team en in fjildgroep formearre, dy't oant en mei de oplevering fan de konseptkeardoelen 2024 gearwurke hawwe. Foar de faze fan probearjen is de gearstalling fan de fjildgroep oanpast (sjoch paragraaf 1.4).

Gearstalling en rol fan it realisaasje team:

It realisaasje team wie ferantwurdlik foar de oanstjoering en kommunikaasje rjochting fjildgroep leden, eksterne ekspêrts en it hiele wurkfjild, dêrûnder ekspêrts en de belanghawwenden en de provinsje as opdrachtjouwer.

It realisaasje team hie de lieding oer de wurksesjes (ynklusyf de tarieding), die de ferwurking fan ynbring en feedback, ûnderhold de kontakten mei SLO en stie noed foar it skriuwwurk en it opleverjen fan de startnotysje, it ramtwurk, de karakteristyk en de konseptkeardoelen.

It realisaasje team bestie út in projektlieder en twa leden mei ekspertize op it mêd fan pû en fû en ûnderwiis Fryske taal & kultuer. Leden fan it realisaasje team hiene ek al wurk dien yn foargeande trajekten fan Kurrikulum.frl: it opstellen fan de fyzje, de grutte opdrachten en de boustiennen.

Gearstalling en rol fan de fjildgroep:

De fjildgroep hie as wichtige taak om ynbring te leverjen foar de rjochting en ynhâld fan de startnotysje, de karakteristyk, it ramtwurk en de nije keardoelen op grûn fan har kennis en praktykûnderfinings. Dêrneist joegen sy as earste feedback en feedforward op dokuminten. De fjildgroep hat altyd de earste oantrún jûn foar de ynhâld fan de konseptkeardoelen. Likernôch de helte fan de fjildgroep hat ek meiwurke yn de eardere ûntwikkelfaze (2020) fan Kurrikulum.frl.

De fjildgroep bestie út: 3 learkrêften ûnderbou pû (groep 1-4), 2 learkrêften boppebou (5-8) en in skoallieder mei lesûnderfining yn de boppebou, 3 dosinten Frysk FU-ûnderbou, dêr't 1 dosint fan ek seksjelieder Frysk FU wie.

2.3 Advyskring: ekspêrts en belanghawwenden

Yn it proses is gearwurke mei ekspêrts fan organisaasjes en ynstellings dy't in sterk binning hawwe mei it

leargebiet Fryske taal & kultuer. It giet om: de útjouwerij Afûk, NHL Stenden Hogeschool, ekspêrts fan it lektoraat Meertaligheid en Geletterdheid, ûnderwiisadviseurs, skoalstipers en meiwurkers fan organisaasjes op it mêd fan keunst en kultuer: Keunstwurk en Tresoar.

Ekspêrts hawwe yn de earste perioade de fjildgroep en it realisaasje team fan ynbring foarsjoen. Dêrfoar binne by ferskillende fjildgroepsjes ekspêrts útnûge om te ynformearjen en te ynspirearjen. De ekspêrts hawwe op grûn fan harren ekspertize rjochtings meijûn foar de kearndoelen. Dat hat derta laat dat nije ynsjoggen in plak krigen hawwe yn de ynhâld en beskriuwing fan de kearndoelen. In foarbyld is de ferdieling yn 'belibjen' en 'meitsjen' binnen it domein Taalekspresje. Yn de aktualisearre kearndoelen foar keunst & kultuer is dy ferdieling ek sichtber (doe noch net ûntwikkele). Yn it domein Taal leare & brûke leit de klam sterk op it ferbinen fan taalfeardichheden yn stee fan it opdieren yn reseptive en produktive feardichheden. Dy rjochting komt út de (regionale) ûndersiken oer taallearen en meertaligens.

Yn de ûntwikkelfaze hawwe meardere ekspêrts feedback jûn op de kearndoelen. Dêrfoar binne meardere feedbacksesjes organisearre foar ferskate ekspêrtgroepen, lykas profesjonals fan NHL Stenden Hogeschool, metoademakkers en ûnderwiisadviseurs Frysk en meartaligens. Ek binne kearndoelen by de konferinsjes WOW! en Fierder mei Frysk foarlein oan learkrêften pû en fû en is harren om feedback frege.

Yn de feedbacksesjes is oan ekspêrts en learkrêften frege oft hja de fyzje op it leargebiet en de nije ynsjoggen goed genôch weromkenne yn de beskriuwing fan de kearndoelen. Ek is frege oft sy in útwurking fan de kearndoelen nei de ûnderwiispraktyk meitsje kinne. Feedback fan de ekspêrts en learkrêften hat bydroegen ta it oanskerpjen fan karren en beskriuwings. Yn eardere ferzjes wiene kearndoelen yn lange sinnen omskreaun, wat de begryplikens net te'n goede kaam. De oanpassingsopdracht en de redaksje fan SLO hawwe holpen om formulearrings bûniger en kearneftiger te krijen. Yn alle gefallen binne kearndoelen troch ekspêrts en learkrêften goed ûntfongen en is oanjûn dat de neamde kearndoelen relevant binne foar it ûnderwiis.

2.4 Gearwurking mei SLO en ôfstimming mei it leargebiet Nederlânsk

Yn it hiele proses is gearwurke en útwiksele mei ynhâldlike ekspêrts en prosesbegelieders fan SLO. Der is gebrûk makke fan de kwaliteitskritearia en wurkynstruksjes fan SLO om de kearndoelen Fryske taal & kultuer te fernijen. Ek hat der geregeldwei oerlis west mei ferskillende kurrikulumekspêrts fan SLO en binne dokuminten foar monitoaring en goedkarring oan SLO foarlein.

De SLO wie yn de earste faze sels ek learende. Yn 'e rin fan it proses binne ferskate dokuminten en wurkynstruksjes ûntwikkele en oanpast. Om't de kearndoelen Fryske taal & kultuer úteinlik wat foarm en toan oanbelanget passe moatte by de lanlike kearndoelen, wie it wichtich om yn dy ûntjouwings en oanpassings mei te gean. Dat koste hjir en dêr ekstra tiid.

De startnotysje, karakteristyk, it ramtwurk en de konseptkearndoelen binne mear as ien kear foar feedback oan SLO foarlein. Dêrby hat de SLO de kwaliteitskritearia út syn wurkopdracht fan OCW as basis brûkt.

Ek hat SLO allegeduerigen sjoen nei de ôfstimming fan it leargebiet Fryske taal & kultuer mei de oare leargebieten. Dat hat ta oanpassings laat yn foarm en formulearring. De feedback is yn fysike en online sesjes bepraat en in inkelde kear is feedback skriftlik jûn. Nei alle feedbacksesjes hat it realisaasjeteam de dokuminten en konseptkearndoelen werskreaun en dêrnei op 'e nij foarlein oan de fjildgroep foar befêstiging of om in trochslachjaande kar te meitsjen yn de mooglike opsjes. Troch de gearwurking en monitoaring fan SLO is de kwaliteit fan alle tuskenprodukten en fan de aktualisearre kearndoelen Fryske taal & kultuer garandearre.

Der hat yn it proses meardere kearen oerlis west mei provinsje Fryslân, it ministearje fan OCW, SLO en Cedin. Yn dy oerlizen binne ferskillende saken bepraat, lykas: de ûntwerpromte en it oantal kearndoelen foar Fryske taal & kultuer, de kearndoelen yn relaasje ta de ambysjes fan de BFTK, de gearhing tusken kearndoelen Fryske taal & kultuer en de kearndoelen Nederlânsk en de ferantwurdlikheden fan Ryk en provinsje Fryslân by it fêststellen fan de nije kearndoelen.

2.5 Faze fan probearjen: prosesbeskriuwing

De faze fan probearjen is yn septimber 2023 úteinset. De opset fan dy faze wie basearre op de oanpak fan SLO. De SLO hat lykwols geandewei foar in oare oanpak keazen. SLO hat yn inkelfâldige sesjes, ferspraat troch it hiele lân, de kearndoelen foar feedback oan learkrêften en skoallieders foarlein en frege nei de (ferwachte) brûkberens yn de praktyk. Om't wy yn Fryslân al ferlykbere sesjes hân hiene mei learkrêften ûnder oare op de konferinsjes WOW! en Fierder mei Frysk is der yn oerlis mei de provinsje Fryslân foar keazen om fêst te hâlden oan de oarspronklike opset fan in wiidweidich probearûndersyk. Mei dy wiidweidige opset koene wy ek better temjitte komme oan it fersyk fan OCW om de helberens fan de konseptkearndoelen goed te ûndersykjen. Nammers is der op de regiodei fan SLO yn Ljouwert ek in probearworkshop foar de kearndoelen Fryske taal & kultuer oanbean en hat in groepke learkrêften oan de hân fan de wurkfoarm fan SLO feedback jûn op de kearndoelen Fryske taal & kultuer.

Foar de faze fan probearjen is it realisaasjeteam útwreide mei in ûndersykster fan it lektoraat Meertaligeheid en Geletterdheid fan NHL Stenden Hogeschool. Yn oarbeidzjen mei de ûndersykster binne de ûndersyksfragen útwurke yn ynstruminten en binne dy ynset om gegevens te sammeljen.

De gearstalling fan de fjildgroep is foar de faze fan probearjen oanpast. It doel yn de faze fan probearjen wie it útwurkjen fan doelen nei de ûnderwiispraktyk. Dêrfoar wie it winsklik dat alle fjildgroepleden lesjaande taken hiene. Fjildgroepleden mei liedingjaande taken hawwe dêrom plakmakke foar nije fjildgroepleden. Nammers binne dy persoanen yn de lêste stap fan de faze fan probearjen wer oanskood om mei te tinken oer de ymplemintaasjefraachstikken.

By it oanlûken fan nije fjildgroepleden is tocht om de sprieding oer de provinsje Fryslân. Binnen de provinsje binne mear en minder Frysktalige gebieten en binnen dy gebieten binne skoallen dy't mear en minder eksplisyt omtinken hawwe foar de Fryske taal & kultuer. Om derfoar te soargen dat útkomsten sa represintatyf mooglik binne, binne fjildgroepleden út ferskillende konteksten frege. Der hawwe dus

learkrêften dielnommen dy't wurksom binne yn skoallen dêr't Frysk mear prioriteit krijt, of krekt minder. De fjildgroep foar de probearfaze bestie út 11 learkrêften: 7 út it pû en 4 út it fû.

2.5.1 Doel fan de faze fan probearjen

Doel fan de faze fan probearjen wie it hifkjen fan de helberens en brûkberens fan de konseptkearndoelen (ferzje 2024) yn de ûnderwiispraktyk. In ambisjeus kurrikulum is ommers allinnich fan wearde as it ek útfierber is yn de praktyk.

De faze fan probearjen is úteinset yn septimber 2023 en ôfsletten yn juny 2025. It lektoraat Meertaligheid en Geletterdheid fan NHI Stenden Hogeschool hat ûndersocht oft de ambysjes fan it nije kurrikulum helber binne yn de deistige ûnderwiispraktyk yn Fryslân en oft der oanwizings binne om de formulearring fan de konseptkearndoelen oan te passen.

By dit ûndersyk hawwe fjouwer dielfragen sintraal stien:

1. *Yn hoefier slagget it learkrêften om de ferbining tusken de domeinen en mei oare fakgebieten te meitsjen om oerladenheid tsjin te gean?;*
2. *Hokker kennis en feardichheden hawwe learkrêften nedich om de konseptkearndoelen te brûken yn har eigen praktyk?;*
3. *Yn hoefier foldocht it beskikbere aanbod fan boarnen en materialen oan de easken om rjocht te dwaan oan de konseptkearndoelen?;*
4. *Hokker rânebetingsten foar it realisearjen fan de konseptkearndoelen binne relevant?;*

De antwurden op dizze fragen jouwe ek ynformaasje oer wat nedich wêze kin yn de faze dêrnei: de ymplemintaasje. Sjoch hjirfoar paragraaf 4.2.

2.5.2 Wurkwize fan de faze fan probearjen

Yn de perioade septimber 2023 – septimber 2024 binne der acht fjildgroepsesjes organisearre. Yn dy sesjes hawwe fjildgroepleden yn groepkes lesrigen ûntwikkele foar de eigen lespraktyk op basis fan de kearndoelen. Yn dat ûntwikkelproses hawwe de learkrêften lesûntwerpformulieren ynfolle en binne de petearen yn de groepkes opnommen. Nei de útfier fan de lessen hawwe de fjildgroepleden refleksjeformulieren ynfolle en ynlevere by de ûndersykster. Ek hat de ûndersykster by learkrêften op lesbesite west.

Yn de earste fjildgroepsesje binne de kearndoelen ferkend en is ynformaasje jûn oer de fyzje op it leargebiet en de kennis en wittenskiplike ynsjoggen dêr't dy fyzje op basearre is. Fierder is in taljochting jûn op it begryp yntegrearre taallearen en ryk learfermidden en binne de skaaimerken fan de domeinen besprutsen.

Yn de twadde oant en mei fyfde fjildgroepsesje binne troch de learkrêften sels lesrigen ûntwurpen. Om de oanpak monitoare te kinnen is de opdracht jûn om útein te setten út de ynhâld fan in spesifyk domein wei en dêrnei doelen út it domein Taal leare & brûke en eventueel de oare domeinen, te keppeljen. Nei in

Yntroduksje oer nijsgjirrige ynhâlden en de beskikbere materialen hawwe de learkrêften lesrigen ûntwurpen foar ûnder- en boppebou fan it pû en foar de ûnderbou fan it fû, wêrby't learkrêften hieltyd in fertaling makke hawwe nei de ûnderwiisferletten fan de eigen learlingpopulaasje. Yn de fyfde gearkomste binne lessen út Taal leare & brûke wei ûntwurpen.

Yn de sechsde gearkomste is it domein Taalekspresje ferdjippe. Ut de refleksjeferslaggen die bliken dat de learkrêften muoite hiene om dat domein út te wurkjen lykas bedoeld. Der is in workshop jûn troch Anja Morskink (NHL Stenden Hogeschool), ekspêrt op it mêd fan ekspresje, om learkrêften te ynformearjen en ynspirearjen oer prosesrjochte didaktyk dêr't de kreativiteit fan learlingen mei stimulearre wurde kin. Nei de workshop hawwe de learkrêften op 'e nij in eigen les of lesrige ûntwurpen dy't past by it domein Taalekspresje, wêrby't hja stipe hân hawwe fan Anja Morskink.

Yn de sânde sesje is it effekt fan de workshop sichtber wurden troch learkrêften presintaasjes oer de lessen dy't jûn binne hâlde te litten en wurk fan de learlingen te toanen. Boppedat is yn de sânde sesje de doelsin oangeande it reflektearjen op de eigen taalûntwikkeling ferheldere en besprutsen wat nedich is om dat doel yn de praktyk stal te jaan. Ut de analyze fan refleksjes die nammentlik bliken dat net alle learkrêften dy doelsin like faak ynsette. By neifreegjen blieken de ideeën oer de wize wêrop't dy doelsin stal krijt te ferskillen: in pear learkrêften keppelen it beoardieljen (summatyf) oan dat kearndoel, wylst oaren it mear prosesmjittich ynsetten (formatyf). De lêste groep joech faker oan dit doel yn te setten as de groep, dy't it reflektearjen yn it ramt fan beoardieljen pleatste.

Dat laat ta de konklúzje dat it domein Taalekspresje likegoed as de doelsin: De learling reflektearret op syn eigen Fryske taalûntwikkeling, oandacht freegje yn de ymplemintaasje (sjoch paragraaf 4.3).

Yn de achtste fjildgroepsesje binne de doelsinnen foar in lêste kear mienskiplik hifke en besprutsen. Dat hat foar it fû laat ta in oantal oanpassings yn formulearring en foar de kar om guon ûnderdielen nei 3 hafû/twû te ferskoven om de oerladenheid út it programma te heljen, benammen foar it tmbû dêr't de ûnderbou 2 jierren beslacht. Foar it pû hat it net laat ta oanpassings yn de formulearrings. Ek al waard it doel refleksje as útdaagjend sjoen, de dielnimmers fûnen it gjin oanlieding om it doel út it kurrikulum te heljen.

Yn de njoggende en tsiende fjildgroepsesje binne ek de skoallieders, taalkoördinators en fakseksje-/ teamlieders fû fan de belutsen learkrêften útnûge om mei te tinken oer ymplemintaasjefraachstikken. Yn sesje 9 hawwe wy de probearwurkfoarm fan SLO tapast: learkrêft en beliedsmakker joegen tegearre fan de eigen skoalle oan hokker fan de doelen oft al realisearre waarden, hokker noch net mar mei in lytse oanpassing mooglik wiene en hokker doelen oft in útdaging wurde soene. Yn de tsiende fjildgroepsesje is mei help fan it feroarmodel fan Knoster neitocht oer mooglike rânebetingsten foar de ymplemintaasje. Dêrnei is besprutsen wa't ferantwurdlik is foar dy rânebetingsten en hokker (f)aktoaren oft de rânebetingsten stypje kinne.

Der is in wiidweidich ûndersyksferslach beskikber dêr't de ûndersyksopset, de brûkte ynstruminten en de

konklúzjes wiidweidich yn beskreaun en ferantwurde wurde.

2.6 Oanpaste ferzje 2025

2.6.1 Oanfoljende opdracht

Nei de oplevering fan de konseptkeardoelen ferzje 2024 hat SLO in oanfoljende opdracht krigen fan it ministearje fan OCW. Dy opdracht wie it gefolch fan de Moasje fan it lid Soepboer C.S. De opdracht hold yn dat der in ekstra stap set wurde moast om de keardoelen mear yn gearhing te presintearjen, sadat der in goede fokus komt op it fersterkjen fan lêze, skriuwe en rekkenje.

Om't de keardoelen Fryske taal & kultuer yn foarm en formulearring gelyk wêze moatte oan de keardoelen fan it lanlik kurrikulum en om't it leargebiet Fryske taal & kultuer in proporsjoneel plak yn it kurrikulum ynnimme moat, hawwe provinsje Fryslân en Cedin besletten om deselde oanpassing troch te fieren.

Yn paragraaf 3.4.1 en 3.4.2 wurde de wizigings tusken de ferzje fan 2024 en de oanpaste ferzje fan 2025 taljochte.

2.6.2 Algemiene útgongspunten foar klusterling

SLO jout oan dat de konseptkeardoelen ferzje 2024 konkreter formulearre binne as foarhinne, en dat dat laat hat ta in tanimmen fan it oantal keardoelen (Taljochtingsdokumint Definitive konseptkeardoelen Nederlânsk, oanpaste ferzje 2025, april 2025). Yn de Twadde Keamer ûntstie de soarch dat it tanimmen fan it oantal keardoelen it sicht op de fokuspunten lêze, skriuwe en rekkenje ûntnimme soe (Moasje fan lid Soepboer, novimber 2024). Dy fokus moast better sichtber wurde. Ek moast de gearhing tusken ynhâlden dúdliker wurde om it gefoel fan oerladenheid tsjin te gean. Dat hat resultearre yn in oanfoljende opdracht fan it ministearje fan OCW oan de SLO mei as doel om it oantal keardoelen te ferminderjen.

Nei oanlieding fan dy opdracht hat de SLO in proseduere opsteld om op in logyske wize ta in fermindering fan keardoelen te kommen, dêr't de konkrete útwurkings fan de konseptkeardoelen, ferzje 2024 by bestean bliuwe soene. Cedin hat, yn oerlis mei de provinsje Fryslân, de proseduere en útgongspunten foar oanpassing fan SLO oernommen. De effekten op it ramtwurk en de formulearring fan de keardoelen wurde taljochte yn paragraaf 3.4.

3. Inhâldlike taljochting

Yn dit haadstik wurdt in taljochting jûn op ynhâldlike karren dy't de basis binne fan de set kearndoelen. Earst wurde de spesifike útdagings foar it leargebiet Fryske taal & kultuer beskreaun. Dêrnei wurdt yngien op de karakteristyk, it ramtwurk en de formulearring fan de kearndoelen. By alle ûnderdielen wurdt in taljochting jûn op de karren dy't troch it realisaasje team makke binne nei advys of feedback fan de fjildgroep, ekspêrts, belanghawwenden en de SLO en hokker oanpassings oft dien binne op grûn fan de útkomsten fan de faze fan probearjen en it op 'e nij besjen. Ta beslút wurde noch saken taljochte dy't út de opdracht fan it ministearje fan OCW wei oan SLO meijûn wiene. It giet om oandacht foar ferbinende feardichheden, ferskaat, ynklusiviteit, taaltinkfunksjes, digitale taalfeardigens en karriêreûntwikkeling en -begelieding.

3.1 Spesifike útdagings aktualisaasje leargebiet Fryske taal & kultuer

Wichtich ûnderdiel fan de startnotysje wie it opstellen fan de probleemanalyse en it beskriuwen fan de útdagings foar it leargebiet Fryske taal & kultuer. It dokumint Fyzje op it leargebiet Fryske taal & kultuer, opsteld yn de perioade 2018-2020, is dêrby brûkt. De startnotysje is opnommen yn de taheakken. In oantal karren yn de karakteristyk, de ûntwerp promte, it ramtwurk en de formulearring fan kearndoelen hâlde ferbân mei dy probleemanalyse en útdagings. De útdagings steane wiidweidich beskreaun yn de *Startnotysje Fryske taal & kultuer* (sjoch taheakke 1). Yn paragraaf 3.1.1 wurde de maatskiplike en kurrikulêre útdagings gearfette. Paragraaf 3.1.2 giet yn op útdagings dy't it ûntwikkelproses en ynhâldlike karren beynfloede hawwe.

3.1.1 Maatskiplike en kurrikulêre útdagings

Fryslân is offisjeel in twatalige provinsje. It Frysk wurdt yn ynformele likegoed as yn formele situaasjes brûkt. De Fryske taal wurdt lykwols net rûnom yn Fryslân likefolle brûkt en der wurdt ek ferskillend sjoen nei de maatskiplike posysje en de wearde fan it Frysk. Dat is werom te sjen yn de foarmjouwing fan it leargebiet Fryske taal & kultuer yn de skoallen yn ferskillende gebieten. Hoewol't yn de wet- en regeljouwing stiet dat skoallen de ferplichting hawwe om ûnderwiis yn Fryske taal & kultuer te fersoargjen, docht út provinsjaal ûndersyk bliken dat net alle skoallen harren oan dy ferplichting hâlde (*It is mei sizzen net te dwaan*, 2018). Dat betsjut dat learlingen gjin gelikense kâns krije om kennis en feardichheden op te dwaan dy't harren by steat stelle om diel te nimmen oan sosjale en (letter) profesjonele situaasjes dêr't de Fryske taal en kultuer in rol yn spylje.

Kennis fan en ynsjoch yn it gebrûk fan it Frysk en de Fryske kultuer giet alle learlingen oan, se binne ommers allegear ynwenners fan Fryslân. As dielnimmer oan de Fryske kultuer beynfloedzje sy de kultuer. Troch learlingen te foarsjen fan kennis en feardichheden passend by de Fryske kontekst, biedt dat harren kânsen foar de identiteitsûntwikkeling, mar it biedt ek kânsen foar sosjaal-maatskiplike ûntwikkeling. Omtinken foar Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis is dêrom fan maatskiplike wearde.

Frysk hat de posysje fan minderheidstaal. Frysk is in taal dy't beskerme wurde moat (Europeesk hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden, 1998) en dêrom hawwe skoallen yn de Fryske taalgebieten de plicht om Frysk oan te bieden. De Fryske taal stiet lykwols net los fan de Fryske kultuer. Kennis en ynsjoggen yn gearhing tusken de Fryske taal en kultuer helpe om beide gebieten te begripen. Dêrom is derfoar keazen om it fakgebiet Frysk út te wreidzjen fan taal nei taal én kultuer. Dy ferbreiding freget om nije ynhâlden fan learmiddels en nije kennis fan learkrêften.

In wichtige wisk foar it nije kurrikulum is de ferbettere trochgeande line fan pû nei fû. De hjoeddeistige kearndoelen (2006) foar pû en fû ferskille wat foarm en ynhâld oanbelanget, wêrtroch't in goede trochgeande line ûntbrekt. De kearndoelen foar it pû rjochtsje har op de taaldomeinen, wylst yn it fû ek omtinken is foar de wearde fan de Fryske kultuer en Fryske literatuer. In oar ferskil is dat de kearndoelen foar it fû differinsjearre binne foar Frysktalige learlingen en net-Frysktalige learlingen. Der moat oerwage wurde oft differinsjaasje yn doelen noch winske is.

Yn de hjoeddeistige kearndoelen foar it pû (2006) leit de klam op de losse taalfeardichheden en attitudewntwikkeling. De nije konseptkearndoelen moatte oanslute by ûnderwiiskundige en fakspesifike ûntjouwings, lykas de oandacht foar meartaligens, taalbewust lesjaan en yntegrearre taalûnderwiis. De konstataarre útdagings binne meinommen yn it aktualisaasjeproses. De aktualisearre set kearndoelen foarmet in antwurd op de stelde útdagings. Yn de folgjende paragrafen wurdt dat neier taljochte.

3.1.2 Fakspesifyk ferrin fan de aktualisaasje

Yn dizze paragraaf beskriuwe wy de 4 grutste kwestjes dy't by it ûntwikkelingsproses oan de oarder west hawwe en dy't ynfloed hân hawwe op ynhâldlike karren.

Meartaligens versus Frysk

Yn Fryslân is it lektoraat Meertaligheid en geletterdheid aktyf. Yn de projekten en ûndersiken út dit lektoraat wei is de ynstek dat romte foar thústalen fan learlingen it wolwêzen en taallearen fan learlingen fersterket. Frysk wurdt dêrby sjoen as ien fan de thústalen.

Yn learaktiviteiten om meartaligens hinne stiet de oandacht foar en it gebrûk meitsjen fan thústalen sintraal. Yn dy learaktiviteiten giet it net om it learen fan elkoars taal. Wannear't learlingen stimulearre wurde om binnen learaktiviteiten har eigen taal yn te setten, kin dat de taalwinning fan de eigen taal stimulearje. Oandacht foar en gebrûk meitsje litte fan de eigen thústalen wurdt ferbûn oan persoansfoarming en it sjen en wurdearjen fan elkoars meartaligens. Dat is wichtich foar de identiteitsûntwikkeling likegoed as foar de sosjale ûntwikkeling fan learlingen. Yn it leargebiet Fryske taal & kultuer is de wurdearring fan meartaligens ek oan de oarder. Binnen it leargebiet Fryske taal & kultuer is lykwols ek oan de oarder dat alle learlingen wat fan de Fryske taal leare of, as Frysk de memmetaal is, dy kennis fersterkje (ambysje yn de BFTK). Dêrneist hat ûnderwiis yn de Fryske taal it doel om de taal libben te hâlden. In taal bliuwt bestean as dy brûkt wurdt, ek yn de takomst. Boppedat is de taal operasjoneel yn Fryslân en is it nuttich om net

allinnich de taal te wurdearjen mar om dy ek wat brûke te kinnen. Dat betsjut dus dat alle learlingen, ek de learlingen dy't thús gjin Frysk, mar Nederlânsk of in oare taal prate, de Fryske taal leare en brûke. It oanbod Fryske taal & kultuer giet dêrmei fierder as it omtinken foar meartaligens. Yn de faze fan probearjen hat ek in learaar partisipearre dy't lesjout oan learlingen dy't thús in oare taal prate. Ek binnen sa'n meartalich en kultureel ferskaat kontakt is Frysk leare en brûke mooglik. Fansels moatte it oanbod en de learaktiviteiten op de learlingpopulaasje ôfstimd wurde.

Ek yn it leargebiet Nederlânsk wurdt omtinken jûn oan meartaligens. Dêr krijt Frysk al in plak neist alle oare thústalen en dialekten. Yn de kearndoelen Fryske taal & kultuer is dêrom keazen om Frysk sintraal te stellen yn de doelen om meartaligens hinne.

Frysk as basisfeardichheid en lykweardich oan it Nederlânsk

Doe't de ûntwikkeling fan de kearndoelen yn 2022 wer op gong brocht waard, is út it ministearje fan OCW wei de opdracht jûn om earst te fokusjen op de basisfeardichheden: Nederlânsk, rekkenje & wiskunde, boargerskip en digitale feardichheden. Frysk is de twadde rykstaal en wurdt sjoen as in basisfeardichheid foar de learlingen yn Fryslân.

De lykweardigens fan Frysk en Nederlânsk hat ûnderwerp fan petear west mei SLO en it ministearje fan OCW. Earder is al taljochte dat Frysk net likefolle romte as Nederlânsk ynnimme kin yn it kurrikulum. De konseptkearndoelen, ferzje 2024, bestie út in set fan 10 doelen foar pû en 11 foar de ûnderbou fan it fû (njonken 19 kearndoelen foar Nederlânsk). Kurrikulumekspêrts fan SLO fergelykje Frysk mei Nederlânsk likegoed as mei it leargebiet moderne frjemde talen. De moderne frjemde talen krije allegear de romte om 3 oant 4 kearndoelen te formulearjen. Frysk wykte neffens SLO tefolle ôf.

Yn paragraaf 1.2.5 is útlein fan hokker romte oft útgien is en wêr't dy op basearre is, en binne redenen oanjûn wêrom't dy romte relevant is. Yn in oerlis tusken SLO, it ministearje fan OCW, provinsje en it realisaasjeteam is nochris de posysje fan it Frysk en de ferhâlding mei Nederlânsk bepraat. Op 'e nij is oanjûn dat Frysk net fergelyke wurde moat mei de moderne frjemde talen om't dy ambysje net oanslút by de BFTK. It ministearje fan OCW en de provinsje hawwe fêststeld dat de doetiidske set paste by de ambysje fan provinsje en it Ryk lykas beskreaun yn de BFTK.

Uteinlik hat it op 'e nij besjen yn 2025 laat ta in fermindering fan kearndoelen. De konseptkearndoelen binne klustere en hawwe in boppelizzende kearnsin krigen, dy't no it kearndoel foarmet. Dy klusterling hat foar alle leargebieten plakhân. De ferhâlding tusken de leargebieten Nederlânsk en Fryske taal & kultuer is werjûn yn ûndersteande tabel:

Primêr ûnderwiis		Underbou fuortset ûnderwiis	
Nederlânsk	Fryske taal & kultuer	Nederlânsk	Fryske taal & kultuer
9 kearndoelen	5 kearndoelen	9 kearndoelen	5 kearndoelen

Utwreidzjen fan fakgebiet Frysk nei leargebiet Fryske taal & kultuer

Yn de earste ûntwikkelfaze is belanghawwenden frege om feedback te jaan op de fyzje, de 'grutte opdrachten' en de boustiennen. In oantal belanghawwenden spruts de soarch út dat der te min fokus lei op it learen fan de Fryske taal mei't der no, neffens har, tefolle omtinken gie nei meartaligens en de Fryske skiednis en kultuer. 'Wêr leare learlingen noch Frysk?' wie harren fraach. Under it punt meartaligens foaroer Frysk is al taljochte dat binnen it tema meartaligens de fokus lein wurdt op de posysje fan it Frysk, sawol yn de meartalige kontekst as yn it meartalige repertoire fan learlingen. Dy kar is mei makke troch de rop om de Fryske taal net út it each te ferliezen. Ek hat as gefolch fan dy feedback it domein Fryske taal leare en brûke in dúdliker plak krigen. Yn it ramtwurk stiet it as earste ynhâldlike domein en yn figuer 1 (s.25) is de sintrale rol fan it domein skematysk werjûn.

Helberens

Fergelike mei de kearndoelen fan 2006 binne der no mear ynhâlden beskreaun foar it leargebiet Fryske taal & kultuer. Dat smiet út soarte diskusje op oer de helberens. Yn de hjoeddeistige situaasje realisearje net alle skoallen in oanbod dat foldocht oan alle kearndoelen. Is it foar dy skoallen helber om wol te foldwaan oan de nije set? Yn petearen mei de fjildgroep, mar ek mei de provinsje en it ministearje fan OCW, is derfoar keazen om de skoallen dy't no harren wetlike ferplichting net neikomme net as útgongspunt te nimmen. Dat soe heaksk stean op de ambysjes dy't yn de BFTK opnommen binne.

Yn de faze fan probearjen hat de helberens sintraal stien. De hypoteze wie dat de doelen binnen it leargebiet yn gearhing leard wurde. Wannear't de learlingen mei-inoar in Frysktalige tekst lêze, de ynhâld begripen leare en de nije kennis ferwurkje yn in eigen taalprodukt, dan wurdt yn de les al oan trije domeinen foldien. Yn de faze fan probearjen binne learkrêften útdage om it Frysk op sa'n wize foarm te jaan en út te probearjen. Befinings fan de faze fan probearjen binne te lêzen yn paragraaf 3.3. Ien fan de konklúzjes út de faze fan probearjen is dat it yntegrearjen fan doelen yn funksjoneel betsjuttingsfolle lesaktiviteiten hiel goed mooglik is.

3.2 Taljochting op de karakteristyk

De karakteristyk is ûnderdiel fan it kearndoeleboekje. De karakteristyk beskriuwt wat tekenjend is foar it leargebiet en hoe't de doeldomeinen binnen it leargebiet gearhingje, mar ek hoe't it leargebiet gearhinget mei oare leargebieten.

It leargebiet Fryske taal & kultuer hat as doel om alle learlingen te stimulearjen om feardiger te wurden yn de Fryske taal en ynsjoch te jaan yn de Fryske kultuer. Dy kennis en feardichheden drage by oan de persoanlike, sosjale en maatskiplike ûntwikkeling fan learlingen en soargje foar it dielnimme kinnen oan ynformele en formele situaasjes dêr't Fryske taal en kultuer in rol yn spylje. Dy ambysje draacht by oan de kânsegelikens binnen de Fryske, meartalige kontekst.

Werdefiniering fan it leargebiet

Sûnt 1993 wurde der kearndoelen foar it fak Frysk yn it basisûnderwiis fêststeld. Sûnt 2006 jilde der ek wetlike kearndoelen foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis yn Fryslân (Frysk yn it ûnderwiis: mear

romte, rezjy en rekkenskip foar de provinsje Fryslân, 2010).

Yn de kearndoelen 2006 giet it om it fakgebiet Frysk. No is keazen foar Fryske taal & kultuer. Dy werdefiniering biedt in oantal kânsen:

1. Troch kultuer as ûnderdiel te beneamen fan it leargebiet wurdt it no yn pû likegoed as fû oanbean. Dat fersterket de trochgeande line;
2. De ynhâlden dy't gearhingje mei kultuer: taalekspresje, taalbewustwêzen en kultuerbewustwêzen, biede betsjuttingsfolle ynhâlden om de Fryske taal oan te bieden;
3. Ynsjoch yn de kultuer draacht by oan de persoansfoarming en de sosjale ûntwikkeling fan learlingen. Dêrneist fergruttet it de kennis fan learlingen oer harren direkte omjouwing. De útwreiding fan it leargebiet fergruttet de mooglikheden om by te dragen oan de trije doeldomeinen fan Biesta (sjoch ek paragraaf 3.2.1).

3.2.1 Doeldomeinen: kwalifikaasje, sosjalisasje en persoansfoarming

In wichtige opdracht fan it ministearje fan OCW foar de aktualisaasje fan de kearndoelen is it fersterkjen fan de trije doeldomeinen: kwalifikaasje, sosjalisasje en de persoansfoarming (Biesta), lykas beskreaun yn it rasjonale fan it fundearjend ûnderwiis (Ministearje fan OCW, 2021).

It leargebiet Fryske taal & kultuer jout foarm oan it perspektyf kwalifikaasje troch omtinken te jaan oan it begripen en brûken learen fan de Fryske taal. Foar Frysktalige learlingen is it wichtich dat sy harren taalfeardeichheden útwreidzje en fersterkje. Foar net-Frysktalige learlingen is it wichtich dat sy de Fryske taal leare en brûke, passend by harren mooglikheden, mar ek passend by wat de omjouwing fan har freget. It is oan de skoalle om passende ambysjes te formulearjen, basearre op it prinsipe fan hege ferwachtings.

It leargebiet Fryske taal & kultuer jout stal oan it perspektyf fan persoansfoarming troch omtinken te jaan oan de betsjutting fan it Frysk, wêrby't learlingen neitinke en prate oer de wearde dy't de Fryske taal hat foar harsels en foar oaren om har hinne. Ek makket it leargebiet romte foar taalekspresje dêr't Frysk by brûkt wurdt om foarm te jaan oan eigen ideeën, tinzen en gefoelens. Ek it fergrutsjen fan it kultuerbewustwêzen draacht by oan de persoansfoarming. Ynsjoch yn de kultuer biedt hâldfêst om foarm te jaan oan de eigen hâlding en de wize dêr'tst op dielnimme kinst en wolst oan dy kultuer.

It doeldomein sosjalisasje krijt foarm yn de tapassing fan it taal learen en brûken. Frysk wurdt brûkt yn sosjale en (letter) profesjonele situaasjes. Dielnimme kinne oan soksoarte situaasjes freget om it begripen en dêr't dat mooglik is brûken fan de Fryske taal. Op grûn fan de fyzje op it leargebiet wurdt stimulearre om learlingen Frysk te learen en brûke te litten yn betsjuttingsfolle en rike konteksten. Troch learlingen leare te litten oer de Fryske kultuer en skiednis krije se ynsjoggen yn de relaasje tusken taal en kultuer en it bouwen oan de Fryske taalfeardigens makket it mooglik om oan dy kultuer mei te dwaan of der begryp foar te hawwen.

In oar oandachtspunt fan it ministearje is de wize dêr't it leargebiet op bydraacht oan kânsegelikens. Ut

ûndersiken oer meartaligens docht bliken dat as learlingen gjin gebrûk meitsje kinne fan harren thústaal of dat dy sels ûnderdrukt wurdt, soks in prestaasjekleau kreëarret tusken meartalige en ientalich Nederlânske learlingen. It gebrûk meitsje meien en fersterkjen fan it Frysk biedt Frysktalige learlingen dus gelikense(re) kânsen. Frysk leare biedt net-Frysktalige learlingen gelikense(re) kânsen om meidwaan te kinnen yn Frysktalige konteksten.


3.2.2 Ynterne gearhing fan it leargebiet

Yn it hjoeddeistige taalûnderwiis wurde taalfeardichheden faak los fanelkoar oanbean. De fyzje op effektyf en motivearjend taal- en lêsunderwiis ferskoot aloan mear nei it yn gearhing bringen fan de taalfeardichheden. Ek geane der hieltyd dúdlikere lûden op om taallearen te ferbinen mei kennisûntwikkeling, wêrtroch't taallearen betsjuttingsfol en funksjoneel wurdt (sjoch û.o. E. van Koeven & A. Smits, 2020 en M. Bootsma & E. Naaijens, 2023). Dat smyt betsjuttingsfoller ûnderwiis op en dat hat in grutter rendemint. Dy fyzje op it learen fan taal jildt ek foar it leargebiet Fryske taal & kultuer.

Om ynhâlden goed beskriuwe te kinnen wurde yn de aktualisearre set domeinen beneamd mei dêrby passende doelen. Yn it leargebiet Fryske taal & kultuer giet it om fiif domeinen: Ryk learfermidden, Taal leare & brûke, Taalbewustwêzen, Taalekspresje en Kultuerbewustwêzen. Yn de karakteristyk wurdt sa beskreaun hoe't de domeinen ûnderling gearhingje (yn oersetting):

“Yn de kearndoelen en doelsinnen wurde kennis en feardichheden yn ferskillende domeinen beskreaun. Yn in betsjuttingsfol en funksjoneel oanbod sille doelen yn gearhing leard wurde. Oanbod en lesaktiviteiten yn de domeinen kultuerbewustwêzen, taalekspresje en taalbewustwêzen gean altyd mank mei learen en brûken fan de Fryske taal. Mar ek de domeinen taalekspresje, kultuerbewustwêzen en taalbewustwêzen hawwe ûnderlinge ferbinings.

Neist in gearhing tusken domeinen is der ek in gearhing tusken primêr ûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis troch de wei fan in trochgeande line. It útwreidzjen fan de ûnderfinings, kennis en feardichheden rint fan primêr ûnderwiis troch nei it fuortset ûnderwiis. De opbou fan de learline wurdt bepaald troch de tanimming yn kompleksiteit en abstraksje fan ynhâlden en taalgebrûk. Yn de earste faze fan de ûntwikkeling (primêr ûnderwiis) leit de klam op ûnderfinen, ferkennen, begripen en beneamen en yn lettere fazen (faak it fuortset ûnderwiis) op ferfining, ferbreiding en ferdjipping.” (Kearndoeleboekje Fryske taal & kultuer, 2025).



Figuur 1: Ynterne gearhing fan it leargebiet Fryske taal & kultuer



Figuur 2: De iisberg fan J.Cummins

3.2.3 Ekserne gearhing fan it leargebiet

De iisberchteory fan J. Cummins lit sjen dat in soad taalfeardichheden universeel binne. Dat hâldt yn dat as se ienkear leard binne yn de iene taal, se brûkt wurde kinne yn oare talen, lykas it Frysk. Yn de karakteristyk wurdt attindearre op it brûken fan taalfeardichheden en -kennis dy't leard wurde by Nederlânsk of by ien fan de moderne frjemde talen. It is goed om te witten dat feardichheden dy't yn de kearndoelen fan Nederlânsk beskreaun binne, yn de measte gefallen net werhelle wurde yn it kurrikulum foar Fryske taal & kultuer. Dat foarkomt oerladenheid fan it ûnderwiisprogramma. Utsûnderings binne feardichheden dy't ûnderdiel binne fan in beskate hanneling of feardichheid. Wannear't se net beneamd wurde soene, soe dat in tekoart yn it oanbod wêze. De kearndoelen foar Fryske taal & kultuer steane op in oar plak yn de wet- en regeljouwing en moatte dêrom ek op harsels stean kinne (M. Rouhof. Persoanlike kommunikaasje. Ministearje fan OCW, 25 augustus 2025).

Ut soarte is it ek mooglik om universele taalfeardichheden binnen it leargebiet Fryske taal & kultuer te learen en ta te passen yn it Nederlânsk. Ek dat kin oerladenheid fan it programma tsjingean. Taal is likegoed in doel as in middel yn it ûnderwiis. Foar it learen binnen oare leargebieten is taal nedich en binnen de oare leargebieten kinne taalfeardichheden har fierder ûntwikkelje. Dat slút oan by de fyzje dat taal learen barre moat yn in rike, betsjuttingsfolle kontekst. Yn de karakteristyk stiet dêroer skreaun (yn oersetting):

“Kennis en feardichheden dy't yn it domein Kultuerbewustwêzen oanbean wurde, kinne yn ferbining brocht wurde mei kennis en feardichheden dy't learlingen oanbean krije yn de leargebieten Minske en maatskippij, Minske en natoer en Boargerskip. Doelen yn it domein Taalekspresje kinne yn ferbining brocht wurde mei de domeinen Meimeitsje en betsjutting jaan en Meitsje en betsjutting jaan yn it leargebiet Keunst en kultuer. Troch ferbinings te lizzen tusken de domeinen fan Fryske taal & kultuer en oare leargebieten wurdt de ûnderfiningsbasis en kennis- en taalûntwikkeling fan learlingen stimulearre en ferstevige.”
(Kearndoeleboekje Fryske taal & kultuer, 2025)

3.3 Utkomsten faze fan probearjen

Doel fan de faze fan probearjen wie it hifkjen fan de helberens en brûkberens fan de kearndoelen. De faze fan probearjen is úteinset op basis fan de konseptkearndoelen, ferzje 2024. Yn de rin fan de probearfaze starte ek it oanpassingsproses: de klusterling fan konseptkearndoelen en de formulearring fan boppelizzende kearnsinnen. Om't de konseptkearndoelen, ferzje 2024 in plak krije soene yn de oanpassing is de probearfaze trochset lykas plend.

Yn de faze fan probearjen hawwe fjouwer dielfragen sintraal stien (sjoch paragraaf 2.5). Yn dizze paragraaf ljochtsje wy de útkomsten oangeande de earste dielfraach ta. Dy útkomsten hawwe ynfloed op it al of net oanpassen fan it oantal kearndoelen of de formulearring dêrfan.

De oare trije ûndersyksfragen wurde taljochte yn paragraaf 4.2. Dy dielfragen jouwe ynsjoggen yn de ferletten en rânebetingsten oangeande de ymplementaasje.

Dielfraach 1. Mooglikheid ta gearhing om oerladenheid tsjin te gear

Yn de ferantwurding foar it oantal kearndoelen is beneamd dat it oanbringen fan gearhing binnen én bûten it leargebiet it mooglik makket om learlingen de winske ûnderfinings opdwaan te litten. Yn de probearfaze is hifke oft learkrêften dy ferbinings sjogge en der foarm oan jaan kinne yn de praktyk troch harren lesrigen tariede te litten en útfiere te litten yn har eigen groepen en klassen.

Utkomsten:

Ut it ûndersyk docht bliken dat de doelsinnen ûnderling goed te ferbinen binne. Ek blykt út de analyze dat it domein Taal leare & brûke yn alle lessen oan bod komt. Benammen de doelen 'De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten' en 'De learling praat en skriuwt Frysk' binne faak by de lessen oan de oarder. Ek as de ynstek fan de les keppele is oan ien fan de ynhâldlike domeinen: Taalbewustwêzen, Taalekspresje of Kultuerbewustwêzen.

Fierder docht bliken dat in yntegrearre oanbod mei oare leargebieten lykas wrâldoriïntaasje, Ingelsk en Nederlânsk ek faak foarkomt, foaral by learkrêften op trijetalige skoallen.

Yn de ûnderbou fan it pû giet it ferbinen fan doelen faak fansels. Yn dy groepen wurdt meastal tematysk wurke en dêr kinne de doelen Fryske taal & kultuer goed yn yntegrearre wurde.

Yn it fû kinne de dosinten Frysk de gearhing binnen it leargebiet goed foarmjaan. Yntegraasje mei oare fakken is wol mooglik, mar komt troch de organisaasjes yn fakseksjes en de fakkestruktuer op it roaster minder maklik ta stân. In pear dosinten Frysk hawwe aktyf de gearwurking mei in kollega opsocht. It gie dan faak om in kollega dy't affiniteit mei it Frysk hie. De gearwurking wurke dan net troch nei de hiele seksje fan sa'n leargebiet.

Konklúzjes mei it each op oanpassen fan de kearndoelen:

Gearhing en yntegraasje moatte oerladenheid tsjingeane. Yn it pû bart dat dus makliker as yn it fû.

De faze fan probearjen hat befêstige dat de kearndoelen foar it pû helber en brûkber binne. Fjildgroepleden fûnen it net nedich om oanpassings te dwaan yn it oantal kearndoelen of om formulearrings oan te passen. Dy needsaak waard wol field troch de fjildgroepleden fan it fû. Nei oanlieding fan it probearjen binne guon ynhâlden tawiisd oan 3-hafû/twû om it oanbod yn de earste twa klassen fan it fû minder swier te meitsjen. Fierder is yn in oantal gefallen keazen om by in opsomming of te setten yn stee fan en. De mooglikheid om te kiezen soarge foar fermindering fan de hoemannichte. Yn de lêste redaksjeslach fan SLO wie de feedback fan SLO dat of net brûkt wurde mei. Der is doe per gefal besjoen oft en weromset wurde koe, of dat der yn de opsomming karren makke wurde koene, útgeande fan de bewustwurding fan it feit dat as it der net by stiet, soks net betsjut dat it net oanbean wurde mei, as it der wol by stiet, dat it dan ferplichte is om oan te bieden.

3.4 Taljochting op de definitive konseptkearndoelen, oanpaste ferzje 2025

3.4.1 Oerwagings by yndieling klusters

Yn febrewaris 2024 binne de konseptkearndoelen, ferzje 2024 oanbean oan de provinsje Fryslân. Nei dy offisjele oanbieding is, nei oanlieding fan in oanfoljende opdracht fan it ministearje fan OCW oan SLO, in oanpassingsproses úteinset.

Cedin hat de proseduere en útgongspunten foar oanpassing fan SLO oernommen. SLO hat it oantal konseptkearndoelen ferzje 2024 (troch harren ‘inisjele kearndoelen’ neamd) fermindere troch se te klusterjen en alle klusters te foarsjen fan in kearnsin mei dêrûnder ien oant maksimaal fjouwer fan de inisjele kearndoelen as útwurking. Kearnsin en útwurking wurde wetlik ferankere, sadat de konkrete formulearring fan de inisjele kearndoelen bestean bliuwt. By it op ‘e nij oarderjen is ek sjoen nei it befoarderjen fan gearhing om oerladenheid werom te kringen. It oantal maksimaal te formulearjen kearndoelen mei net mear wêze as it oantal domeinen dat in leargebiet fêststeld hat yn de ferzje fan 2024.

Dy proseduere hat foar it leargebiet Fryske taal & kultuer laat ta feroarings yn de struktuer fan de opbou. Hjirûnder binne de ferzjes 2024 en 2025 neist inoar set.

FERZJE 2024	
Domein: Overstigend	
1.	De skoalle soarget foar in rike taal- en lêsomjouwing mei Frysktalige lear- en lêsmaterialen en romte foar Frysk taalgebrûk foar alle learlingen
Domein: Taal leare & brûke	
2.	De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk
3.	De learling praat en skriuwt Frysk ôfstimd op publyk, doel en kontekst.
4.	De learling ferwurket ynformaasje út ferskillende Frysktalige boarnen yn in sprutsen, skreaune of multymediale tekst
5.	De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling

OANPASTE FERZJE 2025	
Domein: Ryk learfermidden	
1.	De skoalle soarget foar in ryk Frysktalich taal- en learfermidden
A.	<i>De skoalle soarget foar Frysktalige lear- en lêsmaterialen</i>
B.	<i>De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen</i>
Domein: Taal leare & brûke	
2.	De learling brûkt de Fryske taal
A.	<i>De learling toant begryp fan Frysktalige teksten</i>
B.	<i>De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten</i>
C.	<i>De learling praat en skriuwt Frysk</i>
D.	<i>De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk</i>

Domein: Taalbewustwêzen		Domein: Taalbewustwêzen	
6.	De learling analysearret it Frysk op foarm, klank en gebrûk	3.	De learling ûntwikkelet him as bewuste brûker fan it Frysk
7.	De learling beskôget de status fan de Fryske taal en de relaasje mei identiteit	A.	<i>De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal</i>
		B.	<i>De learling ferkent de posysje fan de Fryske taal</i>
		C.	<i>De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling</i>
Domein: Taalekspresje		Domein: Taalekspresje	
8.	De learling ferwurdet en ferbyldet tinzen en emoasjes nei it lêzen, hearren of besjen fan Fryske kreative taaluterings	4.	De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje
9.	De learling brûkt de Fryske taal op in kreative manier	A.	<i>De learling ferwurket tinzen en gefoelens oer Fryske kulturele en kreative taaluterings</i>
		B.	<i>De learling brûkt de Fryske taal op in kreative manier</i>
Domein: Fryske skiednis, geografy en kultuer		Domein: Kultuerbewustwêzen	
10.	De learling ferkent de skiednis, geografy en kultuer fan Fryslân	5.	De learling ûntwikkelet him as bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer
11.	De learling wurdearret wurk út de Frysktalige jeugdliteratuer (fû)	A.	<i>De learling ferkent it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân</i>
		B.	<i>De learling ferkent de wearde fan Frysktalige jeugdliteratuer (fû)</i>

Yn de oanpaste ferzje 2025 is it oantal kearndoelen werombrocht fan 10 foar it pû en 11 foar it fû nei 5 kearndoelen foar it pû en fû.

De klustering fan de kearndoelen hat ta in oantal feroarings laat. De nammen fan twa domeinen binne oanpast. It earste domein is oanpast fan 'Oerstigend' nei 'Ryk learfermidden'. SLO hat dat domein 'Oerkoepeljend' neamd. Wy hawwe derfoar keazen om dit domein de namme Ryk learfermidden te jaan, om't it daalk dúdlikheid jout oer de ynhâld en it oanslút by de fyzje op it leargebiet. It fyfde domein hat de titel Kultuerbewustwêzen krigen. Dy beneaming slút oan by it eksamenprogramma.

De measte konseptkearndoelen, ferzje 2024 binne, as doelsin, ûnder itselde domein stean bleaun (kursyf). Allinnich it konseptkearndoel 'De learling reflektearret op de eigen taalûntwikkeling' is ferskood nei in oar domein. Troch it formulearjen fan de klustere kearndoelen past 'reflektearjen' better ûnder taalbewustwêzen as ûnder Taal leare & brûke. Ek joech dat romte om ûnder taal leare & brûke in doelsin ta

te heakjen, nammentlik: ‘De learling toant begryp fan Frysktalige teksten’. Dy doelsin is taheakke op advys fan SLO. Troch dy doelsin ta te heakjen is de opbou no yn oerienstimming mei de opbou fan de doelsinnen by Nederlânsk. Ek is dy opbou better yn oerienstimming mei de eintermen Fryske taal & kultuer.

De doelen yn it domein Taal leare & brûke binne oars oardere. Yn ferzje 2024 stie it ‘dielnimme kinnen oan petearen yn it Frysk’ boppe-oan. Dy kar wie makke op basis fan it idee dat dat it meast funksjonele doel is foar it dielnimmen oan sosjale en maatskiplike situaasjes. Yn de oanpaste ferzje 2025 is keazen om in oardering oan te hâlden dy’t oanslút by it taallearproses: earst begryp toane fan teksten (reseptive feardichheden) en úteinlik dielnimme kinne oan petearen (produktive feardichheden).

3.4.2 Oanpassings yn formulearring fan de konseptkearndoelen 2024

Tagelyk mei it klusterjen fan de kearndoelen hawwe ferskillende konseptkearndoelen in oanpaste formulearring krigen. Dêrby is gebrûk makke fan feedback en advys fan SLO, dy’t basearre wiene op nije ynsjoggen troch juridyske beoardieling fan de kearndoelen en de útwurking fan de eintermen Fryske taal & kultuer yn de syllabuskommissje. De oanpaste ferzje 2025 is foarlein oan de fjildgroep dy’t operasjoneel wie yn de faze fan probearjen. Feedback út dy groep is ferwurke.

Hjirûnder sette wy de oanpassings op in rige:

Konseptkearndoel 1. De skoalle soarget foar in rike taal- en lêsomjouwing mei Frysktalige lear- en lêsmaterialen en romte foar Frysk taalgebrûk foar alle learlingen.

Dit kearndoel is yn de oanpaste ferzje 2025 opsplitst yn twa doelsinnen. Om it oantal kearndoelen yn de ferzje 2024 beheind te hâlden wie dit kearndoel as in kombinaasjediel formulearre. De feroarjende struktuer fan de opbou fan de kearndoelen joech romte om it oanbod konkreter te beskriuwen yn twa doelsinnen.

Konseptkearndoel 3. De learling praat en skriuwt Frysk ôfstimd op publyk, doel en kontekst.

De formulearring is ynkoarte ta ‘De learling praat en skriuwt Frysk’. It diel oer publyk, doel en kontekst is ûnderdiel fan ‘doelfêst kommunisearjen’ en stiet neamd by de útwurking ‘it giet hjirby om’.

Konseptkearndoel 4. De learling ferwurket ynformaasje út ferskillende Frysktalige boarnen yn in sprutsen, skreaune of multymediale tekst.

De formulearring is oanpast ta ‘De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten’. Boarnen is ferfongen troch teksten fanwegen de ôfstimming mei de begrypshantearring fan Nederlânsk. Nederlânsk omskriuwt boarnen as de oarsprong fan data of ynformaasje ynklusyf de makker en de wize dêr’t dy op oanbean wurdt. It begryp tekst wurdt omskreaun as alle foarmen fan mûnlinge, skriftlike, digitale en multymediale kommunikaasje. It begryp tekst dekt dêrmei de lading dy’t mei boarne bedoeld wie. It diel ‘yn sprutsen, skreaune of multymediale tekst’ is ferpleatst nei de útwurking ûnder ‘it giet hjirby om’.

Konseptkearndoel 6. De learling analysearret it Frysk op foarm, klank en gebrûk.

Yn de oanpaste ferzje 2025 is dit doel formulearre as: ‘De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal’. Dy formulearring biedt mear romte as analysearjen op foarm, klank en gebrûk. Omtinken foar foarm, klank en gebrûk is opnommen yn de útwurkings ûnder ‘it giet hjirby om’. It hannelingstiidwurd ‘analysearje’ is ferfongen troch ‘ferkenne’. Ferkenne is leechdrompeliger as analysearje. Analysearje sleat net oan op it eksamenprogramma foar tmbû.

Konseptkearndoel 7. De learling beskôget de status fan de Fryske taal en de relaasje mei identiteit.

Yn de oanpaste ferzje 2025 is dit doel formulearre as: ‘De learling ferkent de posysje fan de Fryske taal’ (pû) en ‘De learling reflektearret op de posysje fan de Fryske taal’. De relaasje mei identiteit is opnommen yn de útwurkings ûnder ‘it giet hjirby om’. Yn it pû giet it om ‘ferkennen wannear’t en wêrom’t sysels of oaren Frysk brûke’. Yn it fû wurde learlingen fierder stimulearre om ferbannen te lizzen tusken Frysk taalgebrûk en identiteit. Ek mei dizze oanpassing slute de doelsinnen better oan by de eintermen.

Konseptkearndoel 8. De learling ferwurdet en ferbyldet tinzen en emoasjes nei it lêzen, hearren of besjen fan Fryske kreative taaluterings.

Yn de oanpaste ferzje 2025 is de formulearring: ‘De learling ferwurket tinzen en gefoelens oer Fryske kulturele en kreative taaluterings’. De reden is dat der socht is nei in formulearring dy’t yn de nije styl past en dêr’t de bedoeling sa koart mooglik yn beneamd is. De hannelings lêze, hearre of besjen binne opnommen yn de útwurking ûnder ‘it giet hjirby om’. Boppedat is op advys fan SLO it wurd emoasjes ferfongen troch gefoelens. Yn oare leargebieten wurdt ek gefoelens brûkt.

Konseptkearndoel 10. De learling ferkent de skiednis, geografy en kultuer fan Fryslân.

Dit doel is oanpast yn: ‘De learling ferkent it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân’. It advys foar dy oanpassing kaam út de syllabuskommisje foar it eksamenprogramma wei. De kommisje hie konkludearre dat it ‘materieel en ymmaterieel erfgoed’ in goed ramt is foar kultuerbewustwêzen. It jout ek mear rjochting as ‘de skiednis, geografy en kultuer’. It gefoel dat de hiele skiednis en geografy behannele wurde moatte wurdt dêrmei tefoaren kommen.

Konseptkearndoel 11. De learling wurdearret wurk út de Frysktalige jeugdliteratuer. (fû)

De oanpaste formulearring is: ‘De learling ferkent de wearde fan Frysktalige jeugdliteratuer’. Juridysk leit it hannelingstiidwurd ‘wurdearje’ gefoelich. It kin suggerearje dat der in beskate, positive noarm neistribbe wurdt. De werformulearring (ferkennen fan de wearde) suggerearret dy normearring net.

3.4.3 Taljochting op it ramtwurk

It ramtwurk is it oersjoch fan domeinen, kearndoelen en subdoelen. Doel fan it ramtwurk is om de set kearndoelen te strukturarjen en oersjoch te jaan yn de gearhing binnen de sets foar pû en fû, mar ek yn de trochrinnende learline fan pû nei fû. Ferskillen tusken de sets foar pû en fû wurde foar in part sichtber yn it ramtwurk. Foar in mear detaillearre ynsjoch yn de ferskillen moatte de útwurkings ûnder ‘it giet hjirby om’ fergelike wurde. Sjoch foar mear ynformaasje oer de trochrinnende learline paragraaf 3.4.5.

RAMTWURK KEARNDOELEN FRYSKE TAAL & KULTUER			
PRIMÊR ûNDERWIIS		UNDERBOU FUORTSET ûNDERWIIS	
<i>Domein: Ryk learfermidden</i>			
1.	De skoalle soarget foar in ryk Frysktalich taal- en learfermidden	1.	De skoalle soarget foar in ryk Frysktalich taal- en learfermidden
A.	<i>De skoalle soarget foar Frysktalige lear- en lêsmaterialen</i>	A.	<i>De skoalle soarget foar Frysktalige lear- en lêsmaterialen</i>
B.	<i>De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen</i>	B.	<i>De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen</i>
<i>Domein: Taal leare en brûke</i>			
2.	De learling brûkt de Fryske taal	2.	De learling brûkt de Fryske taal
A.	<i>De learling toant begryp fan Frysktalige teksten</i>	A.	<i>De learling toant begryp fan Frysktalige teksten</i>
B.	<i>De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten</i>	B.	<i>De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten</i>
C.	<i>De learling praat en skriuwt Frysk</i>	C.	<i>De learling praat en skriuwt Frysk</i>
D.	<i>De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk</i>	D.	<i>De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk</i>
<i>Domein: Taalbewustwêzen</i>			
3.	De learling ûntwikkelet him as bewuste brûker fan it Frysk	3.	De learling ûntwikkelet him as bewuste brûker fan it Frysk
A.	<i>De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal</i>	A.	<i>De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal</i>
B.	<i>De learling ferkent de posysje fan de Fryske taal</i>	B.	<i>De learling reflektearret op de posysje fan de Fryske taal</i>
C.	<i>De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling</i>	C.	<i>De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling</i>

<i>Domein: Taalekspresje</i>			
4.	De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje	4.	De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje
A.	<i>De learling ferwurket tinzen en gefoelens oer Fryske kulturele en kreative taaluterings</i>	A.	<i>De learling ferwurket tinzen en gefoelens oer Fryske kulturele en kreative taaluterings</i>
B.	<i>De learling brûkt de Fryske taal op in kreative manier</i>	B.	<i>De learling brûkt de Fryske taal op in kreative manier</i>
<i>Domein: Kultuerbewustwêzen</i>			
5.	De learling ûntwikkelet him as bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer	5.	De learling ûntwikkelet him as bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer
A.	<i>De learling ferkent it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân</i>	A.	<i>De learling ferkent it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân</i>
		B.	<i>De learling ferkent de wearde fan Frysktalige jeugdliteratuer</i>

De domeinnammen Taal leare & brûke, Taalbewustwêzen, Taalekspresje en Kultuerbewustwêzen hawwe in histoarje dy't weromgiet nei de earste ûntwikkelfaze: it formulearjen fan 'Grutte opdrachten' en 'boustiennen' (sjoch foar dizze dokuminten kurrikulum.frl).

Nei it opstellen fan de fyzje op it leargebiet (2018) binne der fjouwer grutte opdrachten foar it leargebiet formulearre (2020). Dat wiene:

1. Identiteit en taal yn beweging.

Doel: Ferkenning fan de Fryske taal en meartalich bewustwêzen

Globale ynhâld:

- De rol en wearde fan de Fryske taal en meartaligens foar identiteitsûntwikkeling;
- It gebrûk fan de Fryske taal en ûntwikkeljen fan it metalinguïstysk bewustwêzen: it ferskaat en oerienkomsten tusken it Frysk en oare talen, taalgebrûk en har kultueren.

Dizze 'Grutte opdracht' is werom te finen yn it domein **Taalbewustwêzen**. Sawol de ferbining tusken taal en identiteit, it stimulearjen fan it metalinguïstysk fermogen, ûnder oare troch de taal te ferkennen op foarm, klank en gebrûk, mar ek troch te fergelykjen mei oare talen en taalfariëteiten, as oandacht foar taalferoaring binne werom te finen yn de úteinlike ferzje fan de kearndoelen.

It romte jaan oan it gebrûk fan de Fryske taal is ûnderdiel wurden fan it domein Ryk learfermidden.

2. It is al begûn.

Doel: De Fryske taal leare en brûke.

Globale ynhâld:

- It behearskjen learen fan it Frysk en kommunisearje kinnen yn de Fryske taal, fierderbouwend op de

taalfearnichheden fan alle learlingen.

Dizze ‘Grutte opdracht’ is werom te finen yn it domein **Taal leare & brûke**. Dat domein is yn de folchoarder fan ynhâld nei foaren skood. By de ûntwikkeling fan de grutte opdrachten fûnen guon dat taalbewustwêzen fóar it learen fan in taal kaam. Oaren fûnen dat de opdracht fan it ûnderwiis benammen leit by it learen fan de taal en dat saken as taalbewustwêzen en kultuerbewustwêzen dêrby stypjend wêze kinne. Domeinen hawwe lykwols gjin foarskreaune folchoarder om’t se altyd yn gearhing stal krije. Wol is yn alle foarmen fan gearhing it learen en brûken fan de Fryske taal oan ‘e oarder. Taal leare & brûke foarmet dus om samar te sizzen in ûnderlizzer foar al it learen binnen it leargebiet en is dêrom as earste ynhâldlike domein beneamd.

Fan it alderearste begjin ôf is al besletten dat it learen en brûken fan it Frysk oanslute moat op de taaleftergrûn en mooglikheden fan de learlingen. Dat betsjut dat Frysktalige learlingen útdage wurde om har memmetaal te fersterkjen en út te wreidzjen, wylst net-Frysktalige learlingen de Fryske taal noch leare moatte. Troch de grutte ferskillen yn startsituaasje is it ûnmooglik om behearskingsdoelen fêst te stellen foar dit domein. Dêrom binne de ynhâlden rjochte op it útdaagjen en it ûntwikkeljen fan taallearen en taalgebrûk. Mear dêroer yn paragraaf 2.4.2.

3. Sjoch om ‘e hoeke: ferline, no en takomst.

Doel: Fryske taal & kultuer hjoeddeis, yn ferline en takomst.

Globale ynhâld:

- Kennis fan de Fryske maatskippij, de omkriten en it kultureel erfgoed fan eartiids, no en de takomst;
- De rol en wearde fan de Fryske kultuer foar de ynwenners fan Fryslân.

Dizze ‘Grutte opdracht’ is werom te finen yn it domein **Kultuerbewustwêzen**. Yn de ferzje fan 2024 hie dit domein noch de titel ‘Fryske skiednis, geografy en kultuer’. Yn paragraaf 1.4 is al útlein dat de domeinnamme Kultuerbewustwêzen oernommen is út it eksamenprogramma en dêrmei bydraacht oan it fersterkjen fan de trochgeande line. De namme is efternei ek better yn oerienstimming mei de domeinnammen Taalbewustwêzen en Taalekspresje.

Kultuerbewustwêzen is beneamd as lêste domein. Dat hat gjin ynhâldlike reden, mar in praktyske. Dit domein hat foar it fû in ekstra doelsin. Foar it nûmerjen fan de kearndoelen wie it dêrom handiger om dit domein as lêste te beneamen. Dat wie oan de oarder yn de ferzje 2024. Yn de oanpaste ferzje 2025 is it gjin probleem as in domein in ekstra doelsin hat. Likegoed is it domein op dit plak stean bleaun.

De ekstra doelsin foar it fû giet om kearndoel 5B oer it ferkennen fan de wearde fan Frysktalige jeugdliteratuer. It lêzen fan boeken en teksten is ûnderdiel fan meardere domeinen en doelen, lykas it oanbieden fan rike teksten troch de skoalle (1B), it begripen fan teksten (2A) en it belibjen fan Fryske kreative taaluterings troch learlingen (4A). Binnen dat oanbod kin út soarte ek Fryske jeugdliteratuer ynset wurde. De fjildgroep fûn it needsaaklik foar de oansluting op it eksamenprogramma fan it fû dat der in eksplisyt doel formulearre waard wêrby’t learlingen nei literêre skaaimerken sjogge en net allinnich begripe

en belibje.

Yn de omskriuwing fan de Grutte opdracht wie doedestiids al beneamd dat yn dit domein sprake is fan kennisoanbod, mar dat dat op in aktivearjende wize barre moat: learlingen moatte de Fryske taal belibje, ûndersykje en ûntdekke. It doel is net drekt dat learlingen de Fryske kanon út 'e holle leare, mar dat se harren (direkte) omkriten better begripe en de ferhalen dy't dêr spylje kenne.

Yn de kearndoelen fan 2006 foar it fû wiene al doelen opnommen oangeande kultuerbewustwêzen. Foar it pû giet it hjir om nije ynhâlden.

4. *Sin' en wille.*

Doel: Taalkeunst en taalwille.

Globale ynhâld:

- De ekspressive en affektive funksje fan de Fryske taal;
- It fergrutsjen fan de talige kreativiteit en taalwille troch te eksperimintearjen mei de Fryske taal.

Dizze 'Grutte opdracht' is werom te finen yn it domein **Taalekspresje**. Der is oerwage om Taalekspresje ûnderdiel wêze te litten fan Taal leare & brûke of fan Kultuerbewustwêzen. Dochs is der mei klam foar keazen om it belibjen en kreëarjen fan taal yn in apart domein te beskriuwen. Der binne twa redenen troch de fjildgroep beneamd om taalekspresje in eigen plak yn it ramtwurk te jaan en net ûnder te bringen yn it domein Taal leare & brûke of by Kultuerbewustwêzen. Taalekspresje is it domein dêr't taalwille yn foarop stiet. It belibjen fan taal en it boartsjen mei taal biedt kânsen om op in leechdrompelige, noflikke wize kennis te meitsjen mei de Fryske taal. It mei-inoar belibjen fan de taaluterings draacht by oan sosjalisasje en it op kreative wize utering jaan oan persoanlike ideeën en tinzen mei Frysk as taalmiddel draacht by oan persoansfoarming. Om't dat sjoen wurdt as in wichtich ûnderdiel fan it kurrikulum is taalekspresje in domein dat op himsels stiet. Dit domein is sawol foar it pû as it fû in nij domein.

It aktualisaasje proses hat út gâns stappen bestien. Alle stappen hawwe laat ta in neiere konkretisearring dêr't hieltyd skerpere karren yn doelformulearrings by makke binne. Dat de essinsje en de winsken oangeande ynhâld dy't al yn in ier stadium formulearre binne, hieltyd oerein bleaun binne, makket dat it ramtwurk in stevich fûnemint is foar de kearndoelen.

Der is yn it ramtwurk in ekstra domein taheakke, nammentlik it domein Ryk learfermidden. Dat domein is oernommen út it leargebiet Nederlânsk dêr't it 'Oerkoepeljend' hjit. It giet dêrby om saken dy't in rânebetingst binne foar it hiele leargebiet. Sûnder oanbod fan de skoalle wurdt der ommers net leard. Yn dit domein binne saken ûnderbrocht oangeande it oanbieden fan learmaterialen, it sjen en hearre litten fan de Fryske taal & kultuer en it romte jaan oan it gebrûk fan Frysk en oare thústalen. Under doelsin 1B is ûnder oare beneamd dat learaktiviteiten oanbean wurde moatte dy't passe by it taalnivo en de belibingswrâld fan learlingen.

3.4.4 Taljochting op karren yn soarten doelen: oanbod, ûnderfining en behearsking

Der binne twa sets kearndoelen: ien foar it pû (ein groep 8) en ien foar de ûnderbou fan it fû (ein 2de klasse tmbû of ein 3de klasse hafû/twû). Kearndoelen besteane út in kearnsin mei dêrûnder maksimaal 4 doelsinnen. Alle doelsinnen wurde konkretisearre yn maksimaal 5 útwurkings ûnder 'it giet hjirby om'. De doelsinnen hawwe it karakter fan in oanbodsdoel, in behearskingsdoel of in ûnderfiningsdoel. Ek kin in doel in kombinaasje wêze fan in behearskingsdoel mei in ûnderfiningsdoel. Dat wurdt sjoen as in hybride doel. Sjoch ek paragraaf 1.2.4.

Doelsinnen yn it ramtwurk Fryske taal & kultuer dy't skaaimerken fertoane fan in behearskingsdoel, binne:

- 2A. De learling toant begryp fan Frysktalige teksten;
- 2C. De learling praat en skriuwt Frysk;
- 2D. De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk;
- 4B. De learling brûkt de Fryske taal op in kreative manier.

Dy formulearrings ymplisearje mooglik in beskaat nivo fan behearsking. It giet ommers hieltyd om eat kinne. Yn dy doelsinnen en yn de útwurking dêrfan steane lykwols gjin konkrete kritearia fan behearsking beskreaun. De doelen befetsje dus oanwizings oer hokker aspekten oft learlingen behearskje moatte, mar ek hokker ynspanning oft learlingen dêrtroch sjen litte moatte: begryp toane, prate en skriuwe, petearen fiere en Frysk kreatyf brûke. Dizze doelen kinne dêrom sjoen wurde as hybride doelen: in kombinaasje fan behearsking en ûnderfining. Yn dizze fjouwer doelen is graduele behearsking oan de oarder en is it oan de learkrêft om oanbod, wurkfoarmen en didaktyk ôf te stimmen op de ferletten fan de learlingen sadat elkenien him of har ûntwikkelje kin.

Doelsinnen dy't foldogge oan de skaaimerken fan in ûnderfiningsdoel binne:

- 2B. De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten
- 3A. De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal
- 3B. De learling ferkent (pû)/reflektearret op (fû) de posysje fan de Fryske taal
- 3C. De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling
- 4A. De learling ferwurket tinnen en gefoelens oer Fryske kulturele en kreative taaluterings
- 5A. De learling ferkent it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân
- 5B. De learling ferkent de wearde fan Frysktalige jeugdliteratuer.

Yn dizze doelen giet it om ûntdekke, probearje en om wat dwaan. Yn ûnderfiningsdoelen dogge learlingen ûnderfinings op. Wichtich dêrby is dat de learling aktyf is en dus net allinnich sjocht en harket, mar ek ferwurket.

By einsluten binne der in pear oanbodsdoelen:

- 1A. De skoalle soarget foar Fryske lear- en lêsmaterialen
- 1B. De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen

Oanbodsdoelen binne de rânebetingsten foar it kurrikulum. Dêrby is net de learling mar de skoalle de aktor. De kearndoelen fan 2006 bestiene allinnich mar út oanbodsdoelen. Yn it aktualisearre kurrikulum is 'allinnich oanbiede' net mear genôch. Learlingen moatte yn it nije kurrikulum sichtber en hearber ûnderfinings opdwaan en guon feardichheden behearskje (op hokker nivo dan ek).

Om de reden dat útkomsten hearber en sichtber wêze moatte, is yn de formulearrings fan de doelsinnen en de útwurkings gebrûk makke fan saneamde hannelingstiidwurden. De formulearrings 'learlingen leare ...' en 'learlingen kinne ...' wurde net brûkt om't dy útkomsten net hearber of sichtber binne.

Fokus op útdaging en ûntwikkeling

In wichtich skaaimerke fan it leargebiet Fryske taal & kultuer is de fokus op útdaging en ûntwikkeling. Dêr is foar keazen om't de eftergrûnen en startnivo's fan learlingen oangeande it Frysk ferskillend is. It dilemma wie oft foar Frysktalige en net-Frysktalige learlingen differinsjearre doelen opsteld wurde moasten. Dat dilemma spile ekstra op om't de opdracht wie om by foarkar behearskings- of ûnderfiningsdoelen op te stellen. De fjildgroep hat de foarkar jûn oan ien set doelen foar alle learlingen. Om foar te kommen dat der ferskillende sets kearndoelen nedich binne, is derfoar keazen om de fokus te lizzen op útdaging en ûntwikkeling. Dêrby binne de ûnderfiningsdoelen en hybride doelen it meast passend. Yn it hybride doel is gjin konkretisearring makke fan it behearskingsnivo dat behelle wurde moat. By it stellen fan behearskingsdoelen is de kâns ommers grut dat it doel foar de iene learling, bygelyks in net-Frysktalige learling, te heech grypt is en foar in oarenien, bygelyks in Frysktalige learling, te maklik. Op beide fronten is dan gjin sprake fan motivaasje, útdaging en ûntwikkeling.

Ek binne der grutte ferskillen tusken gebieten binnen Fryslân: guon gebieten binne tige Frysktalich en oare krekt net. De kar om de fokus te lizzen op útdaging en ûntwikkeling en te kiezen foar ûnderfiningsdoelen en hybride doelen hâldt ferbân mei de maatskiplike útdaging dat (noch) net alle skoallen Frysk jouwe. Bygelyks om't sy dat net nedich fine fanwegen de net-Fryske eftergrûn fan de learlingpopulaasje of om't se fine dat harren learlingen earst it Nederlânsk goed leare moatte. De hybride en ûnderfiningsdoelen biede skoallen romte om it kurrikulum ôf te stimmen op harren populaasje en op yndividuele ûnderwiisferletten fan learlingen.

Ek wurdt besocht om mei de fokus op útdaging en ûntwikkeling it tredde probleem yn de startnotysje (sjoch taheakke 1) op te lossen, nammentlik dat Frysktalige learlingen ûnfoldwaande stimulearre wurde om harren kennis en feardichheden út te wreidzjen en te ferdjipjen. It útwreidzjen fan feardichheden yn de thústaal is winsklik, om't in goed ûntwikkele thústaal stypjend is oan it learen fan Nederlânsk en oare talen en dêrmei weardefol is foar skoalle- en maatskiplik sukses. Ek dêrryn wurkje de hybride en ûnderfiningsdoelen stimulearjend en soene behearskingsdoelen beheinend wurkje kinne as doelen te leech binne.

Taalleare is in gradueel proses

Learlingen leare, winne en ferdjipje taalfeardichheden en kennis yn in kontinuen syklisk proses. Dat jildt ek foar it learen fan de Fryske taal. Dat hâldt yn dat feardichheden op harsels gelyk bliuwe, mar de

kompleksiteit fan de taalsituaasje bydraacht oan de feardichheidsûntwikkeling. Learlingen sitte net allegear op itselde momint op itselde nivo. Hybride en ûnderfiningsdoelen biede romte om learlingen op eigen nivo ûnderfinings, kennis en feardichheden útwreidzje te litten.

Bygelyks

Doelsin 2D is foar pû en fû sa formulearre: De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk. De ynhâld en it nivo fan it petear is ein groep 8 oars as ein ûnderbou fû. Petearen binnen leargebieten ferskille yn ûnderwerp, nivo en djipgong neigeraden't learlingen fierder binne yn harren skoalkarriêre. Ek spylje taalfeardigens en taaleftergrûnen dêrby in rol. Learlingen dy't minder feardich binne en/of minder ûnderfining hawwe mei it Frysk nimme op in oar nivo diel oan petearen as learlingen mei in heger taalfearnichheidsnivo of in soad ûnderfining mei Frysk. Sa ûntwikkelje alle learlingen har út in eigen startsituaasje wei fierder yn it Frysk.

Yn it domein Kultuerbewustwêzen, doelsin 5A is in oar ûntwikkelingskontinuüm oan 'e oarder. As it giet om it begripen en ûntwikkeljen fan ynsjoch oangeande kultuer en erfgoed, dan past it by de ûntwikkelingsfaze fan learlingen om earst mei erfgoed yn 'e kunde te kommen: wat barde der eartiids en wat spilet der no, en yn 'e kunde te kommen mei en/of begripen fan tradysjes en gebrûken dy't se al as net kenne. Neigeraden't de learlingen âlder wurde en tiidsbesef hieltyd mear foarm krijt, kinne learlingen reflektearje op it ferline en it no, en neitinke oer de takomst. Dy ûntwikkelingsline krijt stal yn de útwurking fan kearndoel 5A. Yn it fuortset ûnderwiis kinne learlingen reflektearje op bygelyks wearden en noarmen dy't ferbûn binne oan guon tradysjes en gebrûken en kinne sy beredenearje wêrom't beskaat erfgoed weardefol is en wat nij erfgoed wêze kinne soe. Ek yn it domein Kultuerbewustwêzen binne ûnderfiningsdoelen in passend middel om learlingen út te daagjen en harren ûntwikkeling en kennis en feardichheden te stimulearjen.

3.4.5 Trochrinnende learline

len fan de útdagings yn de startnotysje is it ferbetterjen fan de trochrinnende learline fan pû nei fû. Dat kin troch de ynhâlden better opelkoar ôf te stimmen. Dat betsjut dat it pû omtinken jaan moat oan de Fryske kultuer. Yn it fû wurdt yn de kearndoelen fan 2006 differinsjearre yn doelen foar Frysktalige en net-Frysktalige learlingen. Der is foar keazen om dat net mear te dwaan en te soargjen dat der binnen de doelformulearrings genôch romte is foar learlingen om har, op grûn fan har taaleftergrûn en -fermogen, te ûntwikkeljen. Om de trochgeande line kompleet te meitsjen moatte de kearndoelen foar de ûnderbou fan it fû oanslute op it eksamenprogramma.

Taal ûntwikkelet him net lineêr, mar konsintrysk. Om't taallearen in syklisk proses is dêr't feardichheden gelyk yn bliuwe, mar de kompleksiteit fan de taalsituaasje bydraacht oan de taalfearnichheidsûntwikkeling, is besletten om de kearndoelen en doelsinnen foar pû en ûnderbou fû gelyk te hâlden en de útwurking (it giet hjirby om) ferskille te litten. Dy kar komt oerien mei de kar dy't it leargebiet Nederlânsk makke hat. It realisaasje-team Nederlânsk is yn in fergelykber proses ta itselde beslút kommen en ûnderboud dat sa (yn oersetting):

“Rijlaarsdam (1989) stelt dat it wichtich is om net te ûntstriden dat learlingen út eigen ûnderfining al in soad kinne mei taal op it stuit dat se de basisskoalle ynkomme. Se kinne ynformearje en redeneare; se witte al dat je mei taal dingen berikke kinne by oaren en hannelje dêrneffens. Rijlaarsdam wiist der mei klam op dat de ûntwikkeling fan kommunikatyf hanneljen yn al syn fasetten – kennis, feardigens en hâldingen – net drekt in kwestje is fan it efterinoar winnen fan dy fasetten, mar folle mear bestiet út it gradueel ferbetterjen fan alle kompetinsjes, yn alle taalfeardichheden en yn in soad ferskillende taalgebrûkssituaasjes. Learlingen komme yn hieltyd mear situaasjes terjochte yn har libben, yn hieltyd dreger, ‘ôfstanliker’ fermiddens – relasjoneel likegoed as ynhâldlik – sadat sy har taalfeardigens aloan fierder útbouwe moatte (Rijlaarsdam 1989, s. 56). Dat ûnderboud de kar om de doelsin gelyk te hâlden (de taalfeardigens is itselde) en de opbou te beskriuwen yn termen fan it tanimmen fan de kompleksiteit fan de taalgebrûkssituaasjes en de teksten.” (Taljochtingsdokumint 2023)

Dy ûnderbouwing is ek fan tapassing op it learen fan Frysk. Frysktalige likegoed as net-Frysktalige learlingen komme mei in basis oan taalfeardichheden de skoalle yn. Yn har skoalkarriêre sille sy mei aloan kompleksere Frysktalige taalsituaasjes te meitsjen krije.

De formulearring fan de doelsin en de útwurking fan ‘it giet hjirby om’ befettet romte om it nivo ôf te stimmen op de taalfeardigens en it belibbingsnivo fan de learlingen. In dúdlik foarbyld binne kearndoel 3 en de doelsinnen 3A en B. Hjirûnder is dúdlik sichtber dat de konkrete útwurking foar it pû en fû ferskille yn kompleksiteit.

Kearndoel 3: De learling ûntwikkelet him as bewuste brûker fan it Frysk	
PRIMÊR ÛNDERWIIS	ÛNDERBOUW FUORTSET ÛNDERWIIS
<i>3A. De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal</i>	<i>3A. De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal</i>
It giet dêrby om: <ul style="list-style-type: none"> • ferkennen fan de Fryske taal op foarm, klank en gebrûk; • fergelykjen fan it Frysk mei it Nederlânsk en oare talen en taalfariëteiten yn Fryslân; • besprekken fan taaleigen skaaimerken fan de Fryske taal. 	It giet dêrby om: <ul style="list-style-type: none"> • ferkennen fan de Fryske taal op foarm, klank en gebrûk; • fergelykjen fan it Frysk mei it Nederlânsk en oare talen en taalfariëteiten yn Fryslân; • beneamen fan en reflektearjen op taaleigen skaaimerken fan de Fryske taal; • ferkennen fan ferskillen tusken sprutsen en skreaun Frysk;
	3hafû/twû: <ul style="list-style-type: none"> • beneamen fan feroarings yn de Fryske taal en beneamen fan oarsaken en gefolgen fan dy feroarings.

3B. De learling ferkent de posysje fan de Fryske taal	3B. De learling ferkent de posysje fan de Fryske taal
<p>It giet dêrby om:</p> <ul style="list-style-type: none"> • ferkennen wannear't en wêrom't sysels of oaren it Frysk brûke; • reflektearjen op it gebrûk fan it Frysk yn relaasje ta wa'tst bist of wêze wolst; • evaluatearjen fan it eigen taalrepertoire en de posysje fan it Frysk dêryn. 	<p>It giet dêrby om:</p> <ul style="list-style-type: none"> • evaluatearjen fan it eigen taalrepertoire en de posysje fan it Frysk dêryn; • redenearjen wannear't en wêrom't sysels en oaren Frysk brûke; • ferbannen lizzen tusken Frysk taalgebrûk en kennis fan meartaligens, identiteit en (sub) kultuer; • reflektearjen op de maatskiplike posysje fan it Frysk yn de meartalige mienskip.
	<p>3hafû/twû:</p> <ul style="list-style-type: none"> • reflektearjen op it sosjaal-maatskiplike effekt fan it gebrûk fan it Frysk binnen ferskillende (berops)konteksten; • reflektearjen op de maatskiplike posysje fan it Frysk yn ferskillende perioades yn de skiednis.

Yn it ramtwurk Fryske taal & kultuer (sjoch paragraaf 3.4.3) is te sjen dat it fû in ekstra doelsin hat: 'De learling ferkent de wearde fan Frysktalige jeugdliteratuer' (5B). Dat doel is in foarrinner op it eksamenprogramma. Learlingen yn it pû komme binnen de domeinen Taal leare & brûke, Taalekspresje en Kultuerbewustwêzen yn oanrekking mei Frysktalige boeken en teksten. It giet dêrby net drekt om it ferkennen fan de wearde, mar om it belibjen en ferwurkjen fan de ynhâld. Ek sille net alle boeken en teksten falle ûnder de defynysje 'jeugdliteratuer'.

Kar foar oanfoljende kearndoelen hafû-twû

Oan de ein fan de faze fan probearjen hawwe de learkrêften fan pû en ûnderbou fû noch in lêste kear reflektearre op de formulearring fan de doelsinnen. Yn de groep learkrêften fan it fû waard opmurken dat de totale ynhâld in soad wie foar dy iene oere yn 'e wike. Yn it pû kinne doelen makliker ûnderdiel wurde fan oare fakken en ek is it yn it pû mooglik om fleksibeler om te gean mei lestiden. Yn it fû, dêr't Frysk as fak op it roaster stiet en learkrêften bûn binne oan in maksimaal oantal lesioeren, liket it net helber om alle ynhâlden dêryn stal te jaan. Hielendal net as ynhâlden mear as ien kear oan bod komme moatte. Om de oerladenheid derút te heljen is derfoar keazen om guon doelen eksplisyt te beneamen foar de tredde klasse hafû-twû. It giet om doelen dy't ynhâldlik in stapke fierder geane en in goede tuskenstap foarmje nei it eksamenprogramma fan hafû en twû en al te fier geane foar it eksamenprogramma fan it tmbû. Nammers is de tawizing fan de doelen oan 3-hafû-twû net sa strikt dat in dosint dy doelen net oanbiede kin yn klasse 1 of 2 fan hafû-twû.

3.4.6 Oandacht foar gearhing

Lykas earder taljochte is der yn de formulearring fan de kearndoelen rekken hâlden mei de gearhing mei oare leargebieten. Om't de kearndoelen Fryske taal & kultuer tagelyk mei Nederlânsk ûntwikkele binne en foar de ambysjes fan de BFTK de gearhing mei dat leargebiet relevant is, is sjoen wêr't de leargebieten Nederlânsk en Fryske taal & kultuer oerlaapje en elkoar fersterkje. Oerlaap is safolle mooglik mijd. Universele taalfeardichheden dy't beskreaun steane yn it kurrikulum fan Nederlânsk wurde net werhelle yn it kurrikulum Fryske taal & kultuer, útsein as it net beneamen dêrfan in tekoart of ûnlogika opsmyt.

Yn de konseptkearndoelen, ferzje 2024 wiene ûnder 'it giet hjirby om' feardichheden oernommen út it kurrikulum Nederlânsk. Dy feardichheden stiene kursyf drukt en begûnen mei 'Tapassen fan ...'. De fokus lei dêrmei op it tapassen en net op it learen. Om't de kearndoelen Fryske taal & kultuer in oar plak krije yn de wet- en regeljouwing en dus ek as selsstannich folslein logysk wêze moatte, is derfoar keazen om guon universele feardichheden dochs oer te nimmen yn it kurrikulum en net te leunen op it kurrikulum Nederlânsk troch de wei fan 'tapassings'.

De gearhing mei it lanlik kurrikulum is ek garandearre troch de doelformulearring ôf te stimmen op dy fan de SLO. Neist dat wy gebrûk makke hawwe fan ynstruksjewizers fan de SLO en it oersjoch fan hannelingstiidwurden, hawwe kurrikulumekspêrts en de redaksje fan SLO hieltyd meisjoen nei formulearrings en feedback jûn.

Yn de lêste faze fan de ûntwikkeling hawwe ek de ûntwikkelaars fan it eksamenprogramma Fryske taal & kultuer nei de kearndoelen sjoen. It ûntwikkeljen fan it eksamenprogramma wurdt dien troch SLO. Dat oerlis hat ta in oantal bystellings yn de kearndoelen laat om de trochgeande line nei de eksamenprogramma's fan tmbû en hafû-twû te ferbetterjen.

3.4.7 Beskôging op de oanpaste ferzje 2025

Hoewol't wy tige ynnaam wiene mei de konseptkearndoelen ferzje 2024 en oertsjûge wiene fan de kwaliteit en brûkberheid, sjogge wy dat de oanpaste opdracht ta in fierdere kwaliteitsslach laat hat.

It werombringen fan it oantal kearndoelen hat derta laat dat de 5 domeinen en byhearrende kearndoelen no fungearje as fokuspunten dêr't daalk de opdracht oan te werkennen is: wurkje oan Taal leare & brûke, Taalbewustwêzen, Taalekspressje en Kultuerbewustwêzen. Dêrmei is foldien oan de opdracht fan it ministearje fan OCW om fokus en gearhing sichtber te meitsjen.

De nije struktuer fan kearndoelen en útwurking yn doelsinnen en 'it giet hjirby om' makke it mooglik om de konseptkearndoelen dêr't dat nedich wie op te splitsen en dat joech binnen it leargebiet Fryske taal & kultuer romte om ynhâlden konkreter te beskriuwen.

Wy binne derfan oertsjûge dat dizze kearndoelen in solide basis foarmje foar it ûnderwiis. SLO hat oanjûn dat dizze set kearndoelen goed oanslút by it lanlik kurrikulum en by de eintermen Fryske taal & kultuer.

3.5 Taljochting op kwaliteitseasken dy't oer it leargebiet hinne rikke

Yn de wurkopdracht dy't SLO krigen hat fan it ministearje fan OCW stiene in oantal kwaliteitseasken, lykas de oandacht foar de doeldomeinen, it ferpartsjen fan ûntwerpromte om oerladenheid tsjin te gean en de gearhing en opbou fan de kearndoelen. Dy kwaliteitseasken hawwe al oan de oarder west. Fierder wiene der noch in oantal kwaliteitseasken mei as doel om it nije kurrikulum goed oanslute te litten by de hjoeddeistige ûnderwiisûntjouwing en ferletten fan de maatskippij, nammentlik ferbinende feardichheden, omtinken foar ferskaat en ynklúzje, taaltinkfunksjes, digitale taalfeardigens en karriêreûntwikkeling en -begelieding.

Foar de oansluting mei it lanlik kurrikulum en om de kwaliteit fan it kurrikulum Fryske taal & kultuer te garandearjen hawwe dy kwaliteitseasken ek ûnderdiel west fan it ûntwikkeljen fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer. Hjirûnder steane se taljochte.

3.5.1 Ferbinende feardichheden

De SLO hantearret de neikommende definysje foar feardichheden: in feardichheid is in fermogen om troch de wei fan tinken en hanneljen op grûn fan beskate kennis problemen op te lossen of taken adekwaat út te fieren. Net alle feardichheden binne unyk foar ien leargebiet. Dy feardichheden wurde ferbinende feardichheden neamd. Der binne ferskillende kategoryen ferbinende feardichheden:

- 1. Learbetingstfeardichheden:** feardichheden dy't it proses fan learen yn kommunikatyf, sosjaal en koöperatyf proses oanbelange.

It leargebiet Fryske taal & kultuer biedt learlingen kânsen om learbetingstfeardichheden te ûntwikkeljen. Tink oan kommunikative feardichheden dy't harren by steat stelle om yn de klasse gearwurkje te kinnen, mar ek om bûten skoalle yn de sosjale, Fryske-/meartalige kontekst funksjonearje te kinnen. It begripen fan skreaune teksten stelt learlingen by steat om kennis te fergrutsjen en de wrâld om harren hinne te begripen.
- 2. Tinkfeardichheden:** feardichheden dy't ferbân hâlde mei analytysk, kritysk of kreatyf tinken.

Yn it leargebiet Fryske taal & kultuer geane learlingen oan de slach mei it fergelykjen fan teksten en it lizzen fan ferbannen mei eigen ûnderfinings (ûnderdiel fan kearndoel 2). Ek wurde learlingen stimulearre om har bewust te wurden fan harren eigen taalrepertoire en wannear't se hokker taal of hokker jargon ynsette en wêrom (ûnderdiel fan kearndoel 3). Yn it domein Taalespresje wurde learlingen útdage om kreatyf te tinken troch te eksperimintearjen mei taal. Ek reflektearje se op eigen wurk en dat fan oaren (ûnderdiel fan kearndoel 4).
- 3. Gearstalde feardichheden:** feardichheden dy't ferbân hâlde mei komplekse situaasjes lykas by ûndersykjen, ûntwerpen en karriêrefeardichheden.

Yn it leargebiet ûntwikkelje learlingen ûndersyksfeardichheden troch ferskillende saken te ferkennen, lykas de skaaimerken fan de Fryske taal, de posysje fan de Fryske taal, it materiële en ymmateriële erfgoed en de wearde fan Frysktalige jeugdliteratuer. Ek ûntwikkelje se in ûndersykjende hâlding by it neitinken oer hokker wearde en noarmen oft oan Fryske tradysjes en gebrûken keppele binne of hoe't barrens yn it ferline noch ynfloed hawwe op it no.

3.5.2 Ferskaat

De kearndoelen moatte neffens de wurkopdracht ek rjocht dwaan oan it ferskaat yn de mienskip troch de kar fan ynhâlden, perspektiven by dy ynhâlden en de formulearring/it brûken fan begripen yn de kearndoelen.

De ynhâld fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer hâldt ferbân mei de ambysje fan de provinsje en it Ryk, nammentlik dat alle learlingen útdage wurde om te leare it Frysk te brûken en harren yn it Frysk ûntwikkelje te kinnen. Dêrby moat oansletten wurde op de begjinsituaasje fan learlingen. Ofhinklik fan de situaasje dêr't learlingen yn opgroeie, ferskille se as it giet om ûnderfinings mei de Fryske taal en Fryske kultuer. Tink bygelyks oan wêr't in learling opgroeit yn Fryslân (ommers net rûnom wurdt yntinsyf Frysk praat), oft in learling yn in Frysktalige húshâlding opgroeit, mei rûnom barrens dy't gearhingje mei de Fryske kultuer of krekt mei in hiel oare kultuer fanwegen in oare kulturele eftergrûn. Bekendheid mei de Fryske taal en de kultuer biedt learlingen kânsen om te partisipearjen yn de Fryske sosjale en maatskiplike kontekst. Mei dat feit is keazen foar de neikommende ynhâlden:

- Taalfearnichheden dy't helpe om diel te nimmen oan Frysktalige kommunikaasje;
- Begrypsfearnichheden dy't helpe om Frysktalige teksten te begripen en de ynformaasje yn dy teksten te ûntsluten;
- Ynsjoch yn de Fryske en meartalige kontekst troch te reflektearjen op eigen taalgebrûk en de posysje fan it Frysk yn it eigen taalrepertoire mar ek yn de Fryske kontekst;
- Ynsjoch yn de Fryske kultuer troch kennis op te dwaan oer materieel en ymmaterieel erfgoed, Fryske tradysjes en gebrûken;
- Wille ha te meien by it learen fan de Fryske taal troch de taal te belibjen, benammen troch de wei fan kulturele en kreative taaluterings lykas ferhalen, boeken, toaniel en muzyk.

Yn de útwurking fan doelsin 1B stiet dat de skoalle learaktiviteiten oanbiedt dy't passe by it taalnivo en de belibbingswrâld fan de learlingen. Neist dat de ûntwikkelingsfaze fan learlingen ynfloed hat op it taalnivo en de belibbingswrâld, hat ek it (kulturele) ferskaat ynfloed. Learkrêften moatte mei dat (kulturele) ferskaat rekken hâlde yn it staljaan fan harren ûnderwiisoanbod. Net yn alle groepen of klassen is deselde kennis en ûnderfining mei de Fryske taal en kultuer oanwêzich. Dy startposysje beynfloedet de wize dêr't it oanbod op foarm krijt en hoe't der differinsjearre wurdt.

3.5.3 Ynklusiviteit

It útgongspunt is dat de kearndoelen helber binne foar safolle mooglik learlingen. Dat betsjut dat rekken hâlden wurde moat mei learlingen mei spesifike ferletten. Yn Fryslân is besletten dat foar it spesjaal basisûnderwiis, en it (fuortset) spesjaal ûnderwiis aparte kearndoelen fêststeld wurde. Dat betsjut dat de kearndoelen foar it regulier ûnderwiis net spesifyk rekken hâlde mei learlingen mei lear- of taalûntwikkelingsproblemen. Yn de kearndoelen foar it regulier ûnderwiis is wol rekken hâlden mei it (kulturele) ferskaat lykas beskreaun yn paragraaf 3.5.2.

De ferskillen yn ûnderfining mei de Fryske taal en kultuer en it kulturele ferskaat hawwe derta laat dat de kearndoelen Fryske taal & kultuer foaral besteane út ûnderfiningsdoelen en dat behearskingsdoelen ûnderdiel binne fan hybride doelen. Dat is taljochte yn paragraaf 3.4.4. Dit jout learkrêften de romte om it oanbod oan te passen oan de learlingpopulaasje, sadat net ien útsletten wurdt.

3.5.4 Taaltinkfunksjes

Der is sprake fan taaltinkfunksjes wannear't taal brûkt wurdt om tinkstappen ûnder wurden te bringen. Yn in wurkynstruksje fan SLO oangeande it gebrûk fan hannelingstiidwurden binne de neikommende taaltinkfunksjes oanjûn:

Kategory	Haadfunksje	Hannelingstiidwurden
Ferheljend	Fertelle	Fertelle
Feitlik	Beskriuwe	Beneame, beskriuwe, reprodusearje, skematysearje, strukturearje, fergelykje, werjaan
	Rapportearje	Presintearje, gearfetsje, ferslach dwaan
	Ynstruearje	Ynstruearje
	Ferklearje	Oantoane, (be)redenearje, konklúzjes lûke, útlizze, ferbannen lizze, ferklearje, foarsizze
Wurdearjend	Redenearje	Beärgumintearje, (be)diskusjearje, beoardiele/oardiel jaan, debattearje, evaluearje, reflektearje, miening jaan, ûnderbouwe, stânpunt ynnimme, wurdearje, wjerlizze
	Beskôgje	Beskôgje, befreegje, selektearje, wurdearje
	Reagearje	Reagearje (op)

Beneame en beskriuwe wurde sjoen as ienfâldige taaltinkfunksjes, fergelykje, redenearje en konkludearje wurde sjoen as kompleksere taaltinkfunksjes. Taaltinkfunksjes dêr't yn de kearndoelen Fryske taal & kultuer in berop op dien wurdt en dy't dus ûntwikkele wurde, binne te keppeljen oan de haadfunksjes: beskriuwe, ferklearje en beskôgje, en ta in hichte oan redenearje.

Binnen it domein Taal leare en brûke beneame learlingen ûnderwerp en haadsaken yn in tekst, fergelykje sy ferskillende soarten teksten, lizze sy ferbannen tusken eigen ûnderfinings en de ynhâld fan teksten en formulearje sy eigen tinnen, ideeën en ynsjoggen (eigen miening).

Yn it domein Taalbewustwêzen komme redenearjende taaltinkfunksjes oan de oarder, lykas reflektearje op taalgebrûk en de posysje fan de Fryske taal en evaluearje fan it eigen taalrepertoire en de eigen Fryske taalûntwikkeling.

Yn it domein Taalekspresje wurde taaltinkfunksjes op in boartlike wize tapast en ûntwikkele. It giet om it fergelykjen fan talen en troch te eksperimintearjen mei taal de taalregels te ûntdeken.

Yn it domein Kultuerbewustwêzen leit de fokus op it beneame en beskriuwe kinnen fan feitlike saken. Dêrby is bewust gjin list fan ynhâlden jûn wêtroch't der romte is om omtinken foar Fryske kultuer te ferbinen oan de direkt omlizzende omkriten.

Taaltinkfeardichheden binne universele feardichheden. Yn hoefier't learlingen dy feardichheden yn it Frysk of mei help fan de Fryske taal ûntwikkelje is mei ôfhinklik fan har taaleftergrûn en ûnderwiisferletten. Learkrêften kinne taalstipemiddels biede wêrmei't learlingen taaltinkfunksjes yn it Frysk tapasse kinne.

3.5.5 Digitale taalfeardigens

Digitale taalfeardigens freget om goede taalfeardichheden. Yn prinsipe wurdt de basis foar digitale taalfeardigens leard yn it leargebiet Nederlânsk, lykas it begripen fan teksten en it beoardieljen fan betrouberheid fan boarnen. It leargebiet Fryske taal & kultuer hat in oantal gearhingjende ynhâlden. It begripen fan Frysktalige teksten docht in berop op de Fryske wurdskat mar dêrneist op universele taalfeardichheden lykas it ynsetten fan lêsstrategyen en it ynsetten fan kritysk tinken.

Binnen it leargebiet Fryske taal & kultuer sil gebrûk makke wurde fan digitale boarnen. In soad lesmateriaal is digitaal. Fierder jout Omrop Fryslân ferskate audiofisuele programma's út dy't brûkt wurde kinne yn it ûnderwiis.

3.5.6 Karriêreûntwikkeling en -begelieding

Yn de wurkopdracht oan SLO stiet ek dat de kearndoelen bydrage moatte oan de karriêreûntwikkeling en -begelieding fan learlingen. Yn it ramt dêrfan is it wichtich dat learlingen in goed selsbyld ûntwikkelje en witte wêr't harren talinten, eigenskippen en ynteresses lizze.

It leargebiet Fryske taal & kultuer befettet ferskillende oanknopingspunten om oan dy kompetinsjes te wurkjen. Binnen de domeinen taal- en kultuerbewustwêzen wurde learlingen bygelyks útdage om nei te tinken en te reflektearjen op harren eigen taalkwaliteiten, de wearde fan it Frysk foar (har) identiteit, it brûken fan it Frysk yn de ferskate konteksten, de wearde fan Frysk erfoerd en hokker motiven oft harren driuwe as it giet om it behâld fan de Fryske taal & kultuer.

Wannear't learlingen op stazje geane of in besite bringe oan bedriuwen yn it ramt fan karriêre-oriïntaasje, sille sy ûntdekke hokker rol oft de Fryske taal en kultuer spilet yn de Fryske maatskippij. It learen fan de taal kin dan foar harren yn in oar perspektyf komme te stean.

4. Slotopmerkings en advizen

4.1 Ympuls foar it leargebiet

Yn de startnotysje (sjoch taheakke 1) binne in oantal knyppunten formulearre foar it leargebiet Fryske taal & kultuer. Dy knyppunten binne yn paragraaf 3.1.1 gearfette ûnder de namme fan maatskiplike en kurrikulêre útdagings. De nije kearndoelen binne, dêr't dat mooglik is, in antwurd op de útdagings.

Wichtige útdagings binne:

- De posysje en wurdearring fan de Fryske taal en kultuer yn de ferskillende regio's yn Fryslân en de dêrmei gearhingjende motivaasje om Frysk in plak te jaan yn it kurrikulum. Somtiden is it ferskaat yn eftergrûnen fan de learlingen wat kultuer en taal oanbelanget de reden om Frysk wei te litten út it kurrikulum, somtiden krekt de ientalich Nederlânske eftergrûn fan de learlingen;
- It stimulearjen fan kennis en feardichheden oangeande Fryske taal en kultuer by sawol Frysktalige learlingen, fierder bouwend op harren kennis en feardichheden, as net-Frysktalige learlingen. De ambysje fan it Ryk en de provinsje Fryslân, fêstlein yn de BFTK, slút dêrby oan: Kânsen foar alle learlingen om kennis en feardichheden te ûntwikkeljen as it giet om Fryske taal en kultuer;
- It ferbetterjen fan de trochgeande line fan pû nei fû.

De kearndoelen fan 2006 lizze de fokus op it learen fan de Fryske taal. De kânsen fan it nije kurrikulum lizze yn de útwreiding fan it leargebiet nei Fryske taal & kultuer. It giet dus net mear allinnich om it learen te ferstean, sprekken, lêzen en skriuwen fan de Fryske taal, mar ek om taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen. Dy útwreiding biedt kânsen om taallearen betsjuttingsfol te meitsjen troch ynhâld te ferbinen mei it fysike en talige fermidden dêr't de learlingen yn opgroeie. De útwreiding biedt ek kânsen om de Fryske taal út ferskillende perspektiven wei oan te bieden, dêr't funksjoneel gebrûk fan de Fryske taal by stimulearre wurdt. Dat past by nije ynsjoggen oer hoe't taal leard wurde kin. Mei't ynhâlden oangeande taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen konkreet útwurke binne, jout dat skoallen rjochting en hâldfêst om ynhâld en foarm te jaan oan it learen fan en oer de Fryske taal.

Alle learlingen binne ynwenner fan Fryslân en dielnimmer oan de Fryske kultuer. Dat jildt ek foar de learlingen op skoallen mei in soad ientalich Nederlânske learlingen of krekt mei in kultuer- en taalferskate learlingepopulaasje. As alle skoallen soargje foar in kearndoeldekend oanbod, hawwe alle learlingen gelikense kâns om kennis en feardichheden op te dwaan dy't har by steat stelle om diel te nimmen oan sosjale en (letter) profesjonele situaasjes dêr't de Fryske taal en kultuer in rol yn spylje.

Fierder rjochtsje de nije kearndoelen har foaral op it opdwaan litten fan ûnderfinings mei taal en kultuer. Binnen dy ûnderfiningsoriïntearre oanpak is romte foar learlingen mei ferskillende (taal)eftergrûnen om de Fryske taal te winnen. It foarmjaan fan lesaktiviteiten dêr't learlingen ûnderfinings yn opdogge, kin passend

makke wurde foar learlingen. Boppedat befettet de nije set kearndoelen hybride doelen dy't oanjouwe hokker feardichheden oft learlingen leare moatte, mar it te beheljen nivo kin ôfstimd wurde op it taalnivo en de belibbingswrâld fan de eigen skoalpopulaasje en yndividuele learlingen. De aktualisearre kearndoelen biede dus mooglikheden om de kearndoelen Fryske taal & kultuer út te wurkjen yn in skoaleigen kurrikulum dat oanslút by de eigen learlingepopulaasje en omjouwing.

Ek de ferbettere trochgeande line fan pû nei fû is in wichtige ympuls foar it leargebiet. De ferbettere trochgeande line is sichtber yn it ramtwurk: domeinen en kearndoelen rinne troch fan pû nei fû. De ûntwikkeling is beskreaun yn de útwurkings ûnder 'it giet hjirby om'. Sjoch foar in wiidweidigere taljochting paragraaf 3.4.5. Yn it ûntwikkelproses hawwe learkrêften pû en fû oerlis hân dêr't ynhâlden soarchfâldich yn beneamd en ferparte binne, sadat der gearhing tusken pû en fû ûntstien is. De fersterking fan de trochgeande line soarget foar mear kontinuïteit, struktuer en in maklikere oergong.

De útwreiding fan it leargebiet en de wize dêr't doelen op formulearre binne, losse knyp punten op dy't te krijen hawwe mei de motivaasje foar it Frysk en it stimulearjen fan de ûntwikkeling fan Frysktalige likegoed as net-Frysktalige learlingen. Ek de behindering fan de iensidige fokus op taal is oplost, wêrtroch't kânsen ûntsteane om oandacht te besteegjen oan alle doeldomeinen.

4.2 Ymplemintaasje

Yn paragraaf 2.5 is it proses fan de faze fan probearjen beskreaun. Yn dy faze hawwe fjouwer dielfragen sintraal stien. De útkomsten fan de earste dielfraach ('Yn hoefier slagget it learkrêften om de ferbining tusken de domeinen en mei oare fakgebieten te meitsjen om oerladenheid tsjin te gean?') binne taljochte yn paragraaf 3.3. It gie dêrby om útkomsten dy't mooglik ynfloed hawwe op de formulearring fan de kearndoelen.

De oare trije dielfragen jouwe ynsjoch yn ymplemintaasjefraachstikken:

- *Dielfraach 2: hokker kennis en feardichheden hawwe learkrêften nedich om de konseptkearndoelen te brûken yn harren eigen praktyk?;*
- *Dielfraach 3: Yn hoefier foldocht it beskikbere oanbod fan boarnen en materialen oan de easken om rjocht te dwaan oan de konseptkearndoelen?;*
- *Dielfraach 4: Hokker rânebetingsten foar it realisearjen fan de konseptkearndoelen binne relevant?*

Yn de neikommende paragrafen wurde de útkomsten en dielkonklúzjes dy't dêroan ferbûn wurde, de dielfraach taljochte.

4.2.1 Nedige kennis en feardichheden fan learkrêften

Learkrêften spylje in essinsjele rol yn it realisearjen fan suksesfol en efektyf ûnderwiis en yn it ynnovearjen fan it ûnderwiis. Dêrby spylje yndividuele kennis, feardichheden en oertsjûgings in wichtige rol. It nije kurrikulum freget fan learkrêften in aktive hâlding om oandacht te besteegjen oan Fryske taal & kultuer en dat yn gearhing oan te bieden. De ferwachting is dat de nije kearndoelen fan learkrêften freegje dat sy

(mear) kennis hawwe oer ynhâld oangeande taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen. It yntegrearre oanbieden freget om didaktyske kennis en feardichheden.

Utkomsten

De fjildgroep bestie út learkrêften mei in positive oertsjûging foar it Frysk, mar net alle learkrêften wiene wurksum op skoallen dêr't dy positive oertsjûging dield waard. Meardere fjildgroepleden wize der mei klam op dat affiniteit mei it leargebiet krúsjaal is foar in suksesfolle ymplementaasje. Ek keppelje sy harren fermogen om lessen te ûntwerpen en dy út te fieren oan feardichheden lykas kreativiteit, fernimstigers en oan harren ynteresse foar it leargebiet. Yn de fjildgroepsesjes waard dúdlik dat útwikseling fan ideeën en kennis weardefol is om ta betsjuttingsfolle lesrigen te kommen. Benammen learkrêften dy't binnen de eigen skoalle gjin kollega's hawwe mei kennis en passy foar Fryske taal & kultuer hiene in soad stipe oan de oare fjildgroepleden. Dêrnei koene sy mei harren betsjuttingsfolle en ynspirearjende lessen wol de kollega's binnen de eigen skoalle entûsjast foar it Frysk meitsje.

Fjildgroepleden jouwe ek oan dat de eigen feardigens om it Frysk te praten en te skriuwen in rol spilet. De fjildgroepleden wiene net allegear Frysktalich grutbrocht, mar elkenien spruts it Frysk foldwaande oant goed. It sprekken fan de taal troch de learkrêft foarmet in diel fan de taalynbring dy't learlingen krije. Boppedat is it ûnderdiel fan it didaktysk hanneljen, lykas by de oanpak doeltaal = fiertaal. Wannear't yn it team gjin of mar in pear learkrêften sitte dy't de Fryske taal machtich binne, dan foarmet dat mooglik in behindering foar de ymplementaasje fan de kearndoelen. Dat is yn de hjoeddeistige situaasje ek in knypstip. Om de kearndoelen foarm te jaan moatte learkrêften omgean kinne mei nivoferskillen. Dat freget kennis en feardichheden oangeande it differinsjearjen fan aanbod, didaktyk en taalhelpmiddels. In soad learkrêften jouwe dat oan as knypstip.

Yn de fjildgroep wiene ek learkrêften dy't it hiel goed slagget om binnen it yntegrearre aanbod omtinken te hawwen foar ferskillen. Yn de faze fan probearjen die bliken dat learkrêften it lestich fûnen om it domein Taalekspresje stal te jaan. Om learkrêften te ynspirearjen is in workshop prosesrjochte didaktyk organisearre. De workshop hat laat ta nije ynsichten yn hoe't it lêzen, beharkjen, besjen en besprekken fan kulturele (taal)uterings ferbûn wurde kin mei it leargebiet keunst & kultuer.

Dielkonklúzjes

De aktualisearre kearndoelen freegje neist affiniteit mei de Fryske taal en kultuer ek kennis en feardichheden oangeande it oanbieden fan in yntegrearre taaloanbod en feardichheden om te differinsjearjen. Dêrneist is de eigen taalfeardigens in wichtich ynstrumint.

It útwreidzjen fan it leargebiet mei it ûnderdiel kultuer, wêrtroch't der neist taaldoenen ek doelen binne foar taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen, freget om mear kennis fan û.o. it Fryske materiële en ymmateriële erfgoed.

De kearndoelen freegje dus om it útwreidzjen fan kennis en feardichheden fan learkrêften, mar net dat de ynhâld fan de kearndoelen oanpast wurde moast. Learkrêften fan Trijetalige skoallen en Taalryk-skoallen

litte sjen dat it mooglik is om Fryske taal & kultuer te yntegrearjen yn it ûnderwiisoanbod. De gearwurking binnen de fjildgroep hat oantoand dat learkrêften mei minder ûnderfining op it mêd fan yntegrearre taalûnderwiis, dy prinsipes goed oernimme koene fan betûfte kollega's.

De kennis en feardichheden dy't it nije kurrikulum freget, kinne in plak krije yn de begelieding by de ymplementaasje fan de kearndoelen likegoed as yn de learare-opliedings. Ek soe yn de ûntwikkeling fan lesmateriaal en hantliedings rekken hâlden wurde kinne mei it ynformaasjeferlet fan learkrêften.

4.2.2 Beskikber oanbod fan boarnen en materialen

Om de ûnderfinings fan learlingen mei Fryske taal en kultuer te fersterkjen is in ryk taal- en learfermidden nedich. Dêrom is yn de faze fan probearjen folop omtinken jûn oan de hoemannichte en ynhâld fan it besteande lesmateriaal. De Afûk hat it domein analyzes makke fan de metoaden Spoar 8 en Searje 36 en fan it oanbod ynspirearjend meartalich ûnderwiis (YMO). De oersjoggen dy't dat opsmitten hat, binne presintearre yn ferskillende fjildgroepsjes. De fjildgroepleden koene de oersjoggen brûke by it selektearjen fan materiaal foar har lesrige. De analyzes jouwe ynsjoch yn hoefier't de beide metoaden en oare materialen en boarnen al foldogge oan de nije kearndoelen. Dy ynsjoggen binne wichtich om te besluten hokker soarte materialen en hokker ynhâlden oft noch nedich binne foar in kearndoeldekkend oanbod.

Yn de faze fan probearjen hawwe de fjildgroepleden, al of net op grûn fan bestead materiaal, lesrigen ûntwikkele. Dêrmei is hifke oft de formulearring fan de kearndoelen dúdlik en helber is. Utkomsten binne taljochte yn paragraaf 3.3. Fierder joech yn hoefier't bestead materiaal ynset waard ynformaasje oer de ynsetberens fan it hjoeddeistige materiaal foar it nije kurrikulum. Utkomsten wurde hjirûnder taljochte.

Utkomsten

Ut de analyzes fan Afûk en de presintaasjes fan materialen docht bliken dat in hiel oantal materialen goed oanslút by de fyzje op it leargebiet Fryske taal & kultuer en foarm jout oan ien of meardere doelsinnen. Ek materialen fan IMO en de tydskriften Tsjil en LinKk passe by de nije kearndoelen. Opfallend is dat learkrêften nettsjinsteande dat ek sels in soad materiaal meitsje of bestead lesmateriaal oanpasse foar in bettere oansluting mei de eigen doelgroep. Ek wurde neist de metoadematerialen in soad autentike materialen, lykas printeboeken, lêsbouken en jeugdliteratuer brûkt om foarm te jaan oan de kearndoelen. Yn it ûndersyksrapport stiet in wiidweidige analyze fan de materialen dy't troch dosinten ynset wurde.

De measte fjildgroepleden wiene goed by steat om mei besteande materialen eigen lessen te meitsjen. In oantal fjildgroepleden hie stipe nedich om ta lessen te kommen of tips om it kreative materiaal te finen. It leargebiet Fryske taal hat nije domeinen: taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen. Bestead materiaal hat de fokus op taallearen. In oanfolling op de besteande materialen dy't passe by de oare domeinen soe learkrêften helpe om ynfolling te jaan oan it leargebiet Fryske taal & kultuer. Fierder waard oanjûn dat in soad bestead materiaal datearre is en by de tiid brocht wurde moat.

Ut analyzes fan de refleksjeformulieren docht bliken dat learkrêften it doel ‘De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling’ net faak ynsette. Learkrêften jouwe oan ferlet te hawwen fan ynstruminten dy’t it refleksjeproses stypje kinne.

Dielkonklúzjes

Der binne in soad materialen beskikber. Aldere materialen hawwe noch in dúdlike fokus op it learen fan taal. De aktualisearre kearndoelen en de fyzje op it leargebiet Fryske taal & kultuer freegje om it yntegrearjen fan taal mei ynhâlden en oarsom. Ut de analyzes fan it materiaal docht bliken dat yn de metoaden Spoar 8 en Searje 36 en yn de projekten fan YMU wol al sprake is fan yntegrearre lessen en projekten, of fan kânsen om taal mear yntegrearre oan te bieden. Mei útsûndering fan nijere projekten moatte in soad materialen by de tiid brocht wurde.

Boppedat binne lesmaterialen oangeande taalekspresje en kultuerbewustwêzen nedich. Dy domeinen binne nij yn it kurrikulum. Yn it domein Taalbewustwêzen is benammen ferlet fan materiaal dat it reflektearjen op de eigen Fryske taalûntwikkeling stipet. Yn nij en bestend materiaal soene tips of mooglikheden foar it omgean mei nivoferskillen helpe.

4.2.3 Relevante rânebetingsten foar ymplemintaasje

De fjirde dielfraach hold ferbân mei de ymplemintaasje. De ymplemintaasje fan it kurrikulum is hjirby sjoen as in dielde ferantwurdlikheid fan learkrêften pû en fû, skoallieders, skoalbestjoeren, partners lykas ûnderwiisbegelieding, de opliedings en de útjouwerij en de provinsje Fryslân. Yn de lêste faze fan it probearjen is de fjildgroep útwreide mei in oantal skoallieders, seksjelieders, taalkoördinatoaren en yntern begelieders. Dy groep hat ûndersocht hokker advizen oft foar de ymplemintaasje fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer jûn wurde kinne.

De útkomsten fan dy petearen binne kombinearre mei de útkomsten op de earste trije ûndersyksfragen oer de helberens en it oanbringen fan gearhing, de kennis en feardichheden, dy’t nedich binne en it beskikbere aanbod.

Utkomsten

Tiidtekoart en wurkdruk wurde geregeld neamd yn petearen oer de ymplemintaasjeútdagings. It giet dan om tariedingstiid, mar ek om foldwaande lestiid om kearndoelen mei de winske djipgong te behanneljen. Dy knypunten hingje gear mei de beheinde organisatoaryske romte foar Fryske taal & kultuer yn in soad ûnderwiisorganisaasjes. Saken dy’t de wurkdruk ferlichtsje soene, binne:

- Beskikberens en fynberens fan passende boarnen en materialen;
- Goed liiderskip en útstrieling fan it management dat Fryske taal & kultuer in wichtich ûnderdiel is yn it kurrikulum;
- It opnimmen fan foldwaande tiid yn it roaster foar de ferskillende learjierren.

Ut de petearen die bliken dat it urginsjebesef sterk ferskilt ûnder skoallen en skoalbestjoeren. Al of net witte wêrom't skoallen de wetlike ferplichting hawwe om Fryske taal & kultuer oan te bieden spilet in rol yn it urginsjebesef, dat op syn bar ynfloed hat op it al of net opnimmen fan Fryske taal & kultuer yn it belied.

Kennis oangeande it wêrom, wat en hoe wat de Fryske taal & kultuer oanbelanget, moat ûnderdiel wêze fan de learare-opliedings. Nije learkrêften dy't al urginsjebesef ûntwikkele hawwe op de oplieding stappe mei in oare hâlding it ûnderwiis yn. Ek wurdt in berop dien op ûnderwiisbegelieding om betûfte learkrêften te stypjen by it ûntwikkeljen fan kennis oangeande it wêrom, wat en hoe.

Op ferskate skoallen binne oanfiterders oansteld om it leargebiet ûnder de oandacht te bringen fan kollega's en om de ynhâld te yntegrearjen yn oanbod en belied. It beneamen fan in sintrale persoan dy't motivearje en ynspirearje kin helpt, mar is tagelyk ek kwetsber. As dy persoan fuortfalt, falt ek it oanbod stil. Fierder misse in soad fan dy oanfiterders de belutsenens út de skoallieding en it bestjoer. Dat beynfloedet harren slachfeardigens.

Dielkonklúzjes

Ut de petearen en analyzes fan de lêste twa fjildgroepesjes binne de neikommende oanbefellings foar de ymplemintaasjefaze kommen:

1. Systeembrede stipe: Provinsje, skoalbestjoeren en partners soargje foar strukturele bekostiging, beliedsramten, kommunikaasje oer wetlike ferplichtings, aktueel lesmateriaal en yntegraasje yn learare-opliedings;
2. Skoalorganisaasje: Skoallen jouwe Fryske taal & kultuer in fêst plak (minimaal 60 min/wike) yn it roaster, beneame oanfiterders, plenne struktureel tiid en middels, en ûntwikkelje in dielde fyzje dy't past by harren learlingepopulaasje;
3. Profesjonalisearring: Learkrêften fersterkje harren Fryske taalfeardigens, kennis oer kultuer, didaktyske feardichheden oangeande yntegrearre en meartalich ûnderwiis en ûntwikkelje differinsjaasjestrategyen foar heterogene klassen en diele 'good practices'.

Oangeande de ymplemintaasje is yn it ûndersyksrapport de konklúzje fan de faze fan probearjen: *De observaasjes út de wurkwize en petearen meitsje dúdlik dat suksesfolle realisasje freget om strukturele rânebetingsten: foldwaande tiid, passend lesmateriaal, profesjonalisearring en stipe út de skoalorganisaasje wei. Ynvestearje yn dy rânebetingsten en de profesjonele ûntwikkeling fan learkrêften is essinsjeel om duorsume ferankering fan Fryske taal & kultuer yn it ûnderwiis mooglik te meitsjen.*

Om learkrêften en skoallen te stypjen by de ymplemintaasje wurde learlinen en foarbyldmaterialen ûntwikkele. Dy sille net wetlik fêstlein wurde, mar biede wol stipe by de oersetting en útwurking fan de kearndoelen nei de ûnderwiispraktyk. Dy learlinen en foarbyldmaterialen binne net allinnich wichtich foar learkrêften en skoallieders, mar ek foar edukative útjouwerij, oplieders, ûnderwiisadviseurs en oare profesjonals.

Fierder wurdt wurke oan in kommunikaasjeplan en in ymplemintaasjeplan, dêr't yn útwurke wurdt hoe't skoallen en learkrêften de ynformaasje en begelieding krije dy't se nedich hawwe om de nije kearndoelen út te wurjen nei in skoaleigen kurrikulum en harren deistige ûnderwiispraktyk.

4.3 Ymplemintaasje yn relaasje ta it referinsjeramt Frysk

It referinsjeramt Frysk (rrF) befettet beskriuwings fan taalfeardichheden op 5 ferskillende nivo's: A1, A2, B1, B2 en C1. It rrF is basearre op it Europeesk referinsjeramt (ERK). It ERK is ûntwikkele troch de Ried fan Europa. It foarmet in mienskiplike basis foar it ûntwikkeljen fan taalkursussen, rjochtlinen foar kurrikulumûntwikkeling en eksaminearring yn Europa. It rrF kin brûkt wurde om behearskingsdoelen te formulearjen oangeande de taalfeardichheden harkje, sprekke, petearen fiere, lêze en skriuwe.

It rrF is yn 2015 útbrocht yn neifolging fan de ynfiering fan de referinsjenivo's Taal en Rekkenje. De referinsjenivo's Taal en Rekkenje moasten help biede by it fêststellen fan behearskingsnivo's ôfstimd op oergongsnoarmen fan pû nei fû-streamings. Dy oanfolling holp om't de kearndoelen inkeld in oanbod beskreauwen en gjin behearskingsnivo's, wêrtroch't learlingen mei ferskillende nivo's trochstreamden nei de fû-streamings. De referinsjenivo's Taal en Rekkenje binne ûnderdiel fan it Nederlânske kurrikulum en hawwe in wetlike status.

It rrF hat net deselde status as de referinsjenivo's Taal en Rekkenje. Oergongsnoarmen fêststelle foar it Frysk wurdt net as winsklik beskôge. It trochstreamprofyl seit net alles oer it nivo dat in learling helje kin: doelen binne foar Fryskpratende learlingen al gau te leech en foar net-Frysktalige learlingen te heech. De relaasje tusken ferfolchûnderwiis en it behearskingsnivo Frysk wurdt dêrom net fan boppen ôf foarskreaun.

De aktualisearre kearndoelen befetsje ek gjin eksplisite behearskingsdoelen. It binne hybride doelen en ûnderfinings- en oanboddoelen. Skoallen kinne (trochgean mei) gebrûk te meitsjen fan it rrF om op skoalnivo ambysjes, yn de foarm fan behearskingsnivo's, te beneamen foar harren learlingen en dêrby rekken te hâlden mei de taaleftergrûn, it learfermogen en it útstreamprofyl fan in learling.

It rrF rjochtet him op de taalfeardichheden harkje, sprekke, petearen fiere, lêze en skriuwe. It rrF hat in dúdlike relaasje mei kearndoel 2: De learling brûkt de Fryske taal. It rrF befettet gjin rjochtlinen om ambysjes of behearskingsnivo's te beneamen dy't passe by de oare kearndoelen. Ek de materialen fan it monitorsysteem GRIP binne rjochte op de ûntwikkeling fan de taalfeardichheden en binne dus (noch) net tarikkend om de kearndoelen ûnder de domeinen Taalbewustwêzen, Taalekspresje en Kultuerbewustwêzen te monitoaren. Yn hoefier't en de wize wêrop't ûntwikkeling fan learlingen oangeande taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen folgje wurde kin of mei, is noch gjin ûntwikkelfraach.

Referinsjes

- Agirdag, O., (2018, 6 december). *Hebben meertalige kinderen een slechter rapport?* [Video]. YouTube. Geraadpleegd op 3 oktober 2024, via <https://www.youtube.com/watch?v=YGKUV6dOooM&t=1s>
- Agirdag, O., (2021, 1 maart). *Aanpakken van ongelijkheid in het onderwijs.* [Video]. YouTube. Geraadpleegd op 3 oktober 2024, via <https://www.youtube.com/watch?v=xrpTbk0dEhc&t=12s>
- Bootsma, M. & Naaijken, E. (2023). *Bijna alles wat je moet weten over thematisch onderwijs.* Huizen: Uitgeverij Pica
- Duarte, J., Günther, M., Backer, F. de, Frijns, C. & Gezelle Meerburg, b. (2022). *Talenbewust lesgeven. Aan de slag met talige diversiteit in het basisonderwijs.* Bussum: uitgebrij Coutinho
- Günther-van der Meij, M., Walsweer, A. & Hiddink, F. (2025). *Meertaligheid, geletterdheid en dialoog: bouwstenen voor kansengelijkheid.* NHLStenden hogeschool
- Jong, G. de (2021). Kurrikulum.frl: *Op weg naar een nieuw curriculum voor het schoolvak Fries.* Levende Talen Magazine, 108(2), 38–39.
- Meestringa, T., & Oosterloo, A. (2015). *Referinsjeramt Frysk.* Afûk. Geraadpleegd op 21 november 2025 van https://grip.frl/wp-content/uploads/2021/02/rf_webferzy.pdf.
- Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijkrelaties & Provinsje Fryslân (2018). *Bestjoersôfspraak Fryske taal en kultuer 2019-2023.*
- Stichting Leerplan Ontwikkeling. (2025). *Definitieve conceptkerndoelen Nederlands, Herziene versie 2025 Inclusief toelichtingsdocument.* Amersfoort: SLO
- Van Koeven, E., & Smits, A. (2020). *Rijke taal: Taaldidactiek voor het basisonderwijs.* Amsterdam: Boom.
- Van Koeven, E., & Smits, A. (2023). *Rijke taal (v)mbo: Taaldidactiek voor het (voorbereidend) middelbaar beroepsonderwijs.* Amsterdam: Boom.
- Varkevisser, N.A. & Walsweer, A.P. (2018). *It is mei sizzen net te dwaan.* Leeuwarden: Provincie Fryslân.

Taheakken

TAHEAKKE 1: STARTNOTYSJE LEARGBIET FRYSCHE TAAL & KULTUER

1. Ynliding

Startnotysjes binne in wichtich ynstrumint foar it ûntwikkeljen fan konseptkearndoelen. Yn dy startnotysjes wurde de ûntwikkelings yn ûnderwiisbelied, ûndersyk, ûnderwiispraktyk en mienskip yn relaasje ta it leargebiet yn kaart brocht en dêrmei lizze se in solide basis ûnder it ûntwikkelwurk. De startnotysje foar Fryske taal & kultuer is skreaun troch Cedin yn oerlis mei SLO. De opbou dêrfan is gelyk oan dy fan it leargebiet Nederlânsk, skreaun troch de SLO. De startnotysje is foarlein oan de fjildgroep Fryske taal & kultuer en de feedback fan dy groep is ferwurke yn de definitive ferzje.

De startnotysje jout spesifyk ynsjoch yn de relevante en aktuele ûntwikkelings foar it leargebiet Fryske taal & kultuer yn it primêr ûnderwiis (pû) en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (fû). Ut dizze ûntwikkelings wei binne kurrikulêre útdagings foar it leargebiet formulearre, dy't meinommen wurde moatte yn it trajekt fan de aktualisaasje fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer foar it pû en de ûnderbou fû.

De notysje bestiet út dizze ûnderdielen:

- Aktuele situaasje en posysje fan it leargebiet Fryske taal & kultuer
- Probleemanalyse
- Untwikkelings yn de maatskippij en yn it leargebiet
- Kurrikulêre útdagings

Dizze startnotysje yntegrearret earder ûntwikkele dokuminten, lykas de preambule (2018) en de fyzje op it leargebiet Fryske taal & kultuer (2020), opbringsten en advizen út it ûndersykrapport It is mei sizzen nei te dwaan (NHL Stenden Hogeschool, 2018) en it ynspeksjerapport Sizzen is neat, dwaan is in ding (2019). Oare ynput: de aktualisaasjeopdracht fan de provinsje Fryslân, de wurkopdracht fan it ministearje fan OCV oan SLO en de operasjonalisearring dêrfan yn wurkynstruksjes troch de SLO, de aktuele kearndoelen en it Referinsjeramt Frysk (Meestringa en Oosterloo, 2015).

2. Aktuele situaasje en posysje fan it leargebiet Fryske taal & kultuer

Frysk is in offisjele rykstaal, mei de posysje fan minderheidstaal. Frysk is in taal dy't beskermde wurde moat (Europeesk hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden, 1998). It brûke meien fan it Frysk is in rjocht dat alle ynwenners fan Fryslân ha. Ek ha alle learlingen yn Fryslân rjocht op ûnderwiis yn it Frysk. Skoallen binne dus ferplichte om Frysk in plak te jaan yn it kurrikulum. Dat jildt foar it hiele basisûnderwiis (pû) en foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (fû).

Fryslân is offisjeel in twatalige provinsje. It Frysk wurdt yn ynformele en formele situaasjes brûkt. De Fryske taal wurdt net oeral yn Fryslân likefolle brûkt. Der binne Fryske en net-Fryske taalgebieten. Der wurdt yn

dy gebieten ferskillend oansjoen tsjin de maatskiplike posysje en it belang fan it Frysk. Dat is werom te sjen yn de foarmjouwing fan it fakgebiet yn de ferskillende skoallen. Yn it rapport It is mei sizzen net te dwaan (2018), stiet beskreaun dat skoallen yn Fryske taalgebieten altyd én yn de measte gefallen in wiidweidiger oanbod Frysk hawwe as skoallen yn net-Frysktalige taalgebieten of kearngebieten. Kearngebieten binne gebieten dêr't minder Frysk praat/brûkt wurdt. It giet dan om gebieten om de gruttere stêden, sa as Ljouwert, hinne.

2.1 Wetlike ramten

De doelen fan it fak Frysk binne útwurke yn ferskillende dokuminten:

- de keardoelen Frysk foar it primêr ûnderwiis (2006);
- de keardoelen Frysk foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis (2006);
- de eksameneasken: it eksamenprogramma Frysk tmbû en it eksamenprogramma Frysk hafû/twû (2018).

De keardoelen beskriuwe wat learlingen op syn minst oanbean krije moatte oan kennis, ynsjoggen en feardichheden. De keardoelen foar Frysk yn it pû binne klustere yn mûnlinge en skriftlike feardichheden. Der is dêrnjonken in keardoel dat spesifyk giet oer it ûntwikkeljen fan in positive attitude yn relaasje ta sprutsen en skreaun Frysk (keardoel 17).

De provinsje Fryslân hantearret yn relaasje ta de keardoelen in frijstellingsbelied yn net-Frysktalige gebieten, sa as de Fryske Waadeilannen en de Stellingwerven. Dêrby giet it om folsleine of ûnfolsleine frijstellings. Yn it pû kin yn prinsipe in frijstelling oanfrege wurde foar alle keardoelen. Pû-skoallen yn de net-Fryske taalgebieten hawwe wol de ferplichting om omtinken te jaan oan keardoel 17; bern ûntwikkelje in positive attitude wat it Frysk oanbelanget.

Foar it fuortset ûnderwiis binne der yn it fakgebiet Fryske taal & kultuer keardoelen dy't foar alle learlingen as dielnimmer yn in twatalige kultuer ferplichte binne (keardoel 1-3) en keardoelen dy't ferskillend útwurke binne foar learlingen dy't de Fryske taal prate (keardoel 4a-6a) en learlingen foar wa't Frysk de memmetaal is (keardoel 4b-6b) (SLO, 2016). Ek yn it fû kin der yn prinsipe in frijstelling oanfrege wurde foar alle keardoelen. Foar keardoelen 1 o/m 3 jildt dat der allinne frijstelling ferliend wurde kin as de skoalle net yn it Fryske taalgebiet stiet.

Skoallen foar spesjaal ûnderwiis hawwe gjin ferplichting om ûnderwiis yn de Fryske taal oan te bieden.

Troch it frijstellingsbelied wie der fan in oantal skoallen dúdlik dat se gjin Frysk opnamen yn it kurrikulum. Dat oare skoallen net alle keardoelen oanbiede, is net yn oerienstimming mei de wetlike ferplichting, it rjocht fan learlingen op ûnderwiis yn it Frysk en de beskerming dy't de Fryske taal nedich hat yn it ramt fan taal- en kultuerbehâld. De konstatearring dat skoallen harren net of mar foar in part oan de wetlike ferplichtingen holden/hâlde op it mêd fan ûnderwiis Frysk is ûnder oare oan it ljocht kommen troch de provinsjale oanpak ûnder de namme Taalplan 2030. Op dat plan wurdt letter yn dizze startnotysje yngien.

Yn 2015 is it Referinsjeramt Frysk (rrf) ûntwikkele. Yn dat rrf steane nivobeskriuwings, ek wol behearskingsnivo's, foar kennis, ynsjoch en feardichheden op it mêd fan Frysk. Der binne fiif nivo's: A1, A2, B1, B2 en C1. Dy nivo's komme oerien mei de nivo's út it Europees referentiekader voor Moderne vreemde talen (ERK). Yn it rrf steane de nivobeskriuwings foar mûnlinge en skriftlike taalbehearsking, opsplitst yn fiif domeinen: harkje, prate, petearen hâlde, lêze en skriuwe. Foar it Frysk binne der gjin behearskingsnivo's fêststeld foar de ein fan it primêr ûnderwiis.

2.2 Praktyk op de skoallen en realisearre kurrikulum

Undersyk

Yn de perioade 2016-2018 hawwe alle skoallen yn it pû en fû yn Fryslân yn it ramt fan Taalplan 2030 meidien oan in grutskalich ûndersyk oer de stân fan saken fan it Frysk yn it ûnderwiis. Alle skoallen hawwe dêrnei in taalplan opsteld yn gearwurking mei it ûndersyksteam fan it lektoraat Taalgebrûk & Learen fan NHL Stenden Hogeschool. Yn harren taalplan hawwe skoallen fêstlein op hokker wize se it ûnderwiis yn it Frysk (fierder) fuortsterkje wolle troch it formulearjen fan ambysjes. Dêrnei hawwe alle skoallen in taalprofyl takend krigen. De taalprofilen hâlde direkt ferbân mei it wol of foar in diel wurkjen oan de kearndoelen Frysk. Sa hawwe skoallen dy't alle kearndoelen Frysk opnommen hawwe yn har kurrikulum it A-profyl krigen. De takenning is dien troch Deputearre Steaten op basis fan de troch de skoallen oanlevere taalplannen. Nei takenning fan de taalprofilen binne de taalplannen troch it ûndersyksteam brûkt foar fierdere analyse fan de ûnderwiispraktyk Frysk yn it pû en de ûnderbou fan it fû. Undersyk en analyse hawwe resultearre yn it rapport It is mei sizzen net te dwaan (2018). Dat rapport is de wichtichste pylder fan it al neamde Taalplan 2030 fan de provinsje Fryslân dat der op rjochte is it ûnderwiisbelied Frysk en de kwaliteit dêrfan te ferbetterjen.

Resultaten

Ut it ûndersyk docht bliken dat 113 fan de 412 pû-skoallen alle kearndoelen yn it ûnderwiis oan bod komme litte (profyl A) en dat 21 skoallen hielendal gjin Frysk oanbiede (profyl G). De oare 278 skoallen biede wol Frysk oan, mar net alle kearndoelen komme dêrby oan bod.

Fan de 71 fû-ûnderboulokaasjes biede 28 skoallen alle kearndoelen oan (profyl A) en fiif skoallen gjin (profyl D). De oare 38 biede wol Frysk oan mar net alle kearndoelen. Yn dy gefallen is it oanbod benammen beheind ta de kearndoelen 1, 2 en 3.

De skoallen mei hegere profilen steane benammen yn de Fryske taalgebieten en skoallen mei legere profilen yn net-Frysktalige taalgebieten of kearngebieten. Dit ferbân is signifikant (ûndersyksrapport It is mei sizzen net te dwaan, NHL Stenden Hogeschool, 2018).

NB: de oantsjutting 'hegere'/'legere' profilen is yn de rin fan de ôfrûne twa jier hieltyd mear ferfongen troch 'bredere'/'smellere' profilen. In breed profyl is dan it (A-)profyl dêr't alle kearndoelen omtinken yn krije yn it ûnderwiis. Troch dizze nije oantsjutting is men mooglike assosjaasje mei 'better'/'minder' foar.

Oanbod

Alle pû-skoallen dy't Frysk op it roaster stean hawwe, biede it domein harkje (kearndoel 18). Dat kearndoel krijt stal yn de foarm fan it sjongen fan ferskes, foarlêzen en it sjen nei Frysktalige edukative telefyzjeprogramma's.

It domein prate & petearen (kearndoel 19) krijt stal yn de foarm fan rûntepetearen of gearwurkjend leare yn it Frysk. Sa'n oanbod is der faker yn de ûnderbou as yn de midden- en boppebou. Op ien tredde fan de skoallen meie learlingen (no en dan) it Frysk brûke om te oerlizen, gear te wurkjen of te diskusjearjen. Skoallen stimulearje komselden (boek)presintaasjes of sprekbeurten yn it Frysk.

Op skoallen mei in A- of B-profyl wurde learlingen stimulearre om te lêzen yn it Frysk (kearndoel 20). Learlingen lêze teksten út de taalmetoade, (printe)boeken en/of teksten dy't passe by in projekt of by skoaltelefyzje. Lykwols litte skoallen yn smellere profilen harren learlingen ek wolris Frysk lêze. It docht bliken dat der op de measte skoallen gjin skriuwûnderwiis (kearndoel 21) yn it Frysk is. Dat jildt lykwols ek foar it skriuwûnderwiis Nederlânsk (Inspectie van Onderwijs, 2012).

De fû-skoallen dy't in fyzje op Frysk hawwe en Frysk oanbiede yn it kurrikulum, hawwe omtinken foar alle kearndoelen, mei it measte omtinken foar de kearndoelen 1, 2 en 3: it fieren fan petearen en it omtinken foar de Fryske taal & kultuer. Der wurdt yn algemiene sin minder omtinken bestege oan de domeinen skriuwe en prate (monolooch). Lêze hat in middenposysje: der is by skoallen faak animo en omtinken foar lêstimulearjende inisjativen, sa as it jierlikse Lês No!-projekt, dêr't learlingen in fergees jongereinboek by krije kinne. Dat boek wurdt oanbean mei in ûnderstypjend lesprogramma. In oar projekt is 'Lêze om te learen' fan it lektoraat 'Meertaligheid en geletterdheid' (NHL Stenden 2020-no). By de neamde projekten giet it net om in struktureel lêsoanbod yn it hiele skoaljier mar benammen om ympulzen, stimulânsen om it lêsgedrach te ferbetterjen.

Fû-skoallen dy't net alle kearndoelen oanbiede, litte as earste de kearndoelen foar de learlingen mei in Fryske taaleftergrûn lizze (kearndoel 4b, 5b en 6b) en differinsjearje harren oanbod dêrmei net nei taaleftergrûn fan learlingen. It feit dat de b-doelen net oanbean wurde, betsjut dat it Fryske taalûnderwiis in mear passyf as aktyf karakter hat.

De measte skoallen biede Frysk oan as ynroastere fak. Skoallen dy't in wiidweidiger fyzje op meartalich ûnderwiis en Frysk hawwe, lykas 3TS of MFU, biede it Frysk ek oan yn relaasje ta oare talen en fakgebieten en brûke Frysk dêrby bewust as ynstruksjetaal. By 3TS giet it om skoallen yn it pû mei in trijetalich lesanbod, by MFU giet it om Meartalich Fuortset Underwiis. Dêryn wurdt Frysk ek brûkt as ynstruksjetaal by oare leargebieten, bygelyks skiednis en muzyk.

Yn it pû besteegje skoallen yn alle groepen 15 oant 60 minuten wyks oan it Frysk. Hoefolle tiid oft der oan it Frysk bestege wurdt, hinget posityf gear mei it taalgebiet en (dêrmei) oan it takende taalprofyl. Yn it fû besteget de helte fan it oantal skoallen omtinken oan it Frysk. Dat komt del op yn trochsneed 30 oant 60 minuten wyks, wêrby't in oantal skoallen net it hiele skoaljier Frysk oanbiedt: guon skoallen spriede dy tiid oer in hiel of heal learjier, oare skoallen realisearje it oanbod Frysk yn projektwiken. De oare fyftich prosint

fan de skoallen besteget 2400 minuten it learjier oan it Frysk.

Skoallen brûke metoaden en losse boarnen om it oanbod Frysk foarm te jaan. Foar it pû bestiet de metoade Spoar 8 en foar it fû Searje 36. Ek wurdt der in tal boarnen ynset as Frysktalige tydskriften, Frysktalige edukative tillefyzjeprogramma's, De Fryske kanon, boarnen en projekten fan ferskillende aanbieders yn de provinsje Fryslân en materialen dy't learkrêften sels makke ha.

Motivaasje

Skoallen pû en fû neamme dizze redenen om Frysk wol oan te bieden:

- Fanwegen de (Fryske) taaleftergrûn fan de learlingen;
- Om de Fryske kultuer te behâlden;
- Fanwegen de fyzje fan de skoalle (bewust meartalich ûnderwiis);
- Om't it ferplichte is.

De wichtichste redenen foar skoallen om Frysk net oan te bieden:

- Der binne gjin of amper Frysktalige learlingen op skoalle;
- Der binne oare prioriteiten (sa as dringingen as it (hiel) swak wurden fan de skoalle);
- Yn ferbân mei de kwaliteit fan de metoade en/of de bykommende kosten;
- Om't benammen yn it pû net alle learkrêften it Frysk behearskje;
- Om't der yn it hiele skoalteam gjin learkrêften binne dy't in foech hawwe foar it fakgebiet (pû én fû).

It docht bliken dat wat mear net-Frysktalige learkrêften der yn it team sitte, wat minder omtinken der foar it Frysk (pû) is. 'Petearen mei learlingen wize út dat sy faker Frysk prate yn 'e klasse en der faker ynstruksje jûn wurdt (oft de Fryske taal oanbean wurdt) as de dosint Frysktalich is.' (Kurrikulum.frl, 2020).

De ynfloed fan it ûnderwiis op de ûntwikkeling fan it Frysk fan learlingen en fan hoe't dy har fan de Fryske taal en kultuer bewust wurde wurdt noch te min metten. Skoallen hawwe mei yngong fan skoaljier 2022-2023 fergees de beskikking oer de metoaden en dêrmei ek oer ferskillende evaluaasje-ynstruminten. It mear en better folgjen fan de learûntwikkeling fan learlingen biedt mooglikheden om it oanbod (better) ôf te stimmen op it taal- en ûnderwiisferlet fan learlingen.

3. Probleemanalyze

Oanslutend op de lêste paragraaf kinne wy in oantal problemen identifisearje, dy't wy hjir op in rychje sette.

Probleem 1: Yn yn it pû en yn it fû foldogge net alle skoallen oan de wetlike ferplichting foar it leargebiet Fryske taal & kultuer.

Al earder (paragraaf Wetlike ramten, side 3) is fêststeld dat net alle skoallen harren hâlde oan ferplichtings yn relaasje ta it oanbieden fan kearndoelen Fryske Taal & Kultuer. Dat is net yn oerienstimming mei it rjocht fan learlingen op ûnderwiis yn it Frysk en de beskerming dy't de Fryske taal nedich hat yn it ramt fan taal- en kultuerbehâld.

Mooglik hat it frijstellingsbelied derta laat dat gjin of mar in bytsje ûnderwiis Fryske taal en kultuer 'gewoan' wurden is. It feroarjen fan it tinken oer de wearde fan it Frysk en it belang fan dy taal foar de ûntwikkeling fan learlingen sil tiid kostje. Dat jildt foar alle belutsenen: learkrêften en skoalorganisaasjes mar ek âlders en learlingen.

Benammen fernijde ynsjoggen op it mêd fan meartaligens lykje dreech te ferienigjen mei it provinsjale frijstellingsbelied fan no. Dat is behinderjend foar it oanbod Frysk, de trochgeande line en de ûnderwiiskânsen fan (Frysktalige) learlingen yn Fryslân. Boppedat is in ryk oanbod Frysk yn it ûnderwiis fan belang foar it behâld fan taal en de kultuer. Mear kennis oer posysje en status fan minderheidstalen yn it algemien en it Frysk yn it bysûnder, en ek de foarming fan in positive attitude yn relaasje ta sokke talen, silte bydrage oan it yn stân hâlden en de fitalisearring fan de Fryske taal en kultuer.

Skoallen hawwe ûnder de wetlike ferplichting út kind trochdat der te min belied wie op it hanthavenjen fan it troch de wet- en regeljouwing foarskreaune oanbod. Kontrôle troch de provinsje Fryslân en de ûnderwiisynspeksje hat der de ôfrûne jierren net west. De provinsje hat wol ynvestearre yn it ûnderwiis Fryske taal & kultuer yn de foarm fan subsydzjes foar metoadefernijing, útwreiding fan it oanbod fan lesmaterialen en ûndersyk op it mêd fan it Frysk en meartalich ûnderwiis.

Probleem 2: Te min motivaasje, Frysk wurdt as ferplichte beskôge.

Ut it analyze-ûndersyk fan it lektoraat Taalgebrûk en learen (NHL Stenden Hogeschool, 2018) docht bliken dat der skoallen binne dy't Frysk jouwe om't it ferplichte is. Sy jouwe net stal oan it Frysk út in bredere fyzje op it leargebiet wei. It gefolch fan it 'ferplichte' karakter en ûntbrekken fan in fyzje is dat der te min motivaasje is foar Frysk by learkrêften, learlingen en âlders en dat it oanbod te min rjochting jout.

Ek op skoallen yn Frysktalige gebieten is der geregeldwei te min motivaasje om it Frysk goed en struktureel foarm te jaan. De net-Fryske taaleftergrûn fan learlingen wurdt as eksklus oanfierd om, nettsjinsteande it plak fan de skoallen yn it Frysktalich taalgebiet, gjin of mar in hiel lyts bytsje Frysk te jaan. Alle learlingen yn Fryslân, wol of net Frysktalich, meitsje diel út fan de Fryske kultuer en maatskippij. Om oan dy Fryske kultuer mei dwaan te kinnen en dêryn maatskiplik suksesfol wêze te kinnen, moatte learlingen de kâns krije om de Fryske kultuer en taal begripe te learen. Te min fyzje, motivaasje en struktureel oanbod benimt harren dy ûntwikkelkânsen.

Probleem 3: Frysktalige learlingen wurde yn harren ûntwikkeling behindere yn it brûken fan harren memmetaal.

Frysk is foar in part fan de learlingen in taal dêr't se mei leare kinne en dêr't se harren (makliker) yn útdrukke. Romte jaan oan it gebrûk fan harren memmetaal freget fan learkrêften kennis en feardichheden yn meartalige/twatalige oanpakken. Ek freget it om ôfspraken oer it brûken fan it Frysk yn formele en ynformele ûnderwiismominten (bygelyks Frysk leare yn oare fakken, Frysk brûke as fiertaal by mentorpetearen). As thústalen, dus yn Fryslân benammen it Frysk, net ynset wurde, wurde der learkânsen mist (Agirdag, 2020).

Probleem 4: Learlingen wurde te min útdage om passend by harren Fryske taaleftergrûn ôf harren kognitive

taalfermogen harren Fryske taalfeardichheden út te wreidzjen as gefolch fan te min differinsjaasje.

Learlingen dy't thús ien- of twatalich Frysk grutbrocht wurde, leare fan harren âlders net per definysje Frysk te lêzen en te skriuwen. Ek de kwaliteit fan de mûnlinge taalfeardigens kin ferskille. De ferskillen hingje gear mei it mear of minder rike taalfermidden thús. Underwiis kin in wichtige bydrage leverje oan in bettere behearsking fan it Frysk, mûnling en skriftlik. Dat freget om differinsjaasje. Net-Frysktalige learlingen dy't wol oer ambysje en fermogen beskikke om mear en better Frysk te learen, kinne dêr ek fan profitearje.

Probleem 5: Learkrêften dy't it Frysk net goed genôch behearskje, hâlde it Frysk earder út it kurrikulum wei. In soad learkrêften (yn it pû) hawwe te min foech om Frysk te jaan.

Dit probleem spilet benammen yn it primêr ûnderwiis. Learkrêften binne ûnwis en fiele harren net kapabel. Ut it analyze-ûndersyk It is mei sizzen net te dwaan docht bliken dat skoallen mei in soad Frysktalige en/of learkrêften dy't gjin foech hawwe signifikant faker gjin of minder Frysk jouwe as skoallen mei in soad Frysktalige learkrêften.

Op de pabû is it beheljen fan it Foech Frysk gjin ferplichting, mei as gefolch dat in protte diplomearre learkrêften gjin foech ha foar it Frysk.

Yn it fuortset ûnderwiis wurdt Frysk yn prinsipe jûn troch in diplomearre dosint Frysk. Dochs is dat op net alle skoallen sa. Wat it brûken fan Frysk as ynstruksjetaal by oare leargebieten oanbelanget: it is net ûntinkber dat dosinten fan fakgebieten as Minske & Natuur of Minske & Maatskippij harren minder kapabel fiele om Frysk te yntegrearjen yn harren fakgebiet en/of dat sy te min kennis hawwe fan de positive effekten fan meartalich ûnderwiis en dat se dêrom gjin of minder gebrûk meitsje fan Frysk as mooglike lear- en ynstruksjetaal yn harren fak.

Probleem 6: Ferkaveling en disbalâns yn domeinen, sadat learlingen it nut fan it learen fan Frysk net ûnderfine.

Yn paragraaf 2 is der in oersjoch jûn fan it omtinken dat skoallen oan de ferskillende domeinen (kearndoelen) jouwe. Dêrút folget dat in goede balâns faak ûntbrekt en dat guon kearndoelen, bygelyks kearndoel 21 – skriuwe (pû), net it easke omtinken krije. Ek docht bliken dat skoallen benammen kieze foar de passive taalfeardichheden (harkje en lêze) en de aktive taalfeardichheden net behannelje. Dat hat as gefolch dat Frysktalige bern net de kâns krije om kennis fan en feardichheden yn harren memmetaal út te wreidzjen, wat in beheining foar harren hiele ûntwikkeling betsjut. Ek dat stiet taal- en kultuerbehâld yn de wei.

In oanpak dy't fan separate domeinen útgiet hinderet it ynsetten fan funksjonele taalopdrachten. In gefolch is dat learlingen de wearde fan it learen fan Frysk net sjogge en dat se it nut en de funksje fan in goede behearsking fan Fryske taalfeardichheden yn en bûten de les net sjogge. It ien en oar wurdt mooglik noch fersterke troch it feit dat in soad âlders en learkrêften it (ekonomysk) nut fan it behearskjen fan it Frysk net ynsjogge.

Yntusken is der troch ferskate organisaasjes yn Fryslân sa as Afûk, Cedin en it lektoraat 'Meertaligheid en

geletterdheid' fan NHL Stenden (les)materiaal ûntwikkele dat de yntegraasje fan Frysk mei oare fakken/leargebieten en de ferbining mei oare talen mooglik makket.

Probleem 7: Haperjende trochgeande line pû-fû.

Kearndoelen pû en fû binne te ferskillend wat foarm en ynhâld oanbelanget, mei as gefolch dat in trochgeande line net mooglik is. De kearndoelen foar it pû rjochtsje har benammen op de fiif taaldomeinen. Ek kearndoel 17 (ûntwikkeling fan in positive attitude) is keppele oan it brûken fan de Fryske taal en net alderearst oan identiteitsûntwikkeling, Frysk as ekspresjemiddel of de kultureel-maatskiplike wearde fan it Frysk.

De earste trije kearndoelen fan it fû rjochtsje harren krekt op de wearde en spesifike skaaimerken fan de twatalige kultuer. In oar ferskil tusken de kearndoelen fan it pû en fû is dat yn it fû de kearndoelen yn relaasje ta taalbehearsking differinsjearre wurde foar learlingen mei in Fryske taaleftergrûn. Dy kar foar differinsjaasje is yn de kearndoelen foar it pû net makke.

As learlingen fan in basisskoalle komme dêr't se gjin folslein oanbod Frysk hân hawwe, misse sy in basis foar kearndoelen 4,5 en 6. Dat is benammen foar net-Frysktalige learlingen in neidiel. It komt ek foar dat learlingen in goed oanbod Frysk yn it pû hân hawwe, mar dat it fû gjin Frysk biedt, sadat de learlingen harren Fryske taalfeardichheden net trochgeand ûntwikkelje kinne.

Probleem 8: It oanbod Frysk en de learlingprestaasjes wurde te min byhâlden.

It goed folgjen fan learlingen draacht by oan kwalitatyf ûnderwiis. Sa krije learkrêften in byld fan de mooglikheden en it ûnderwiisferlet fan learlingen en kinne sy harren ynstruksjes en les oanbod ôfstimme op de learûntwikkeling fan de learlingen. Der binne ek ferskillende middels foarhannen om de Fryske taalûntwikkeling fan learlingen te folgjen, mar dy wurde net of te fragmintarysk ynset.

Yn oare fakgebieten is periodike evaluaasje fanselsprekkender as foar it Frysk. Mooglik leit de oarsaak yn it feit dat skoallen Frysk jouwe om't it ferplichte is om dêr oanbod yn oan te bieden. Skoallen hawwe gjin fyzje op Frysk en op de rol of wearde fan it Frysk (sjoch ek probleem 2 en 3) foar de kognitive en sosjaalmaatskiplike ûntwikkeling fan learlingen. Utsein op fû-skoallen dy't Frysk as eksamenfak oanbiede, ûntbrekt it op de measte skoallen boppedat oan dúdlike behearskingsdoelen. Trochdat men gjin fyzje en gjin doelen formulearre hat om nei te stribjen, sjocht men it byhâlden fan prestaasjes net as needsaak.

Probleem 9: It wetlik ramt seit allinnich wat oer taal.

De kearndoelen fan no geane oer de mûnlinge en skriftlike taalûntwikkeling fan it Frysk. De keppeling tusken taal en kultuer/identiteit krijt te min klam: allinnich yn kearndoel 17 fan pû en de kearndoelset 1 oant en mei 3 yn it fû soenen dêr mooglikheden ta lizze. Te min besef fan en ynsjoch yn de rol fan de Fryske taal foar de sosjaalmaatskiplike ûntwikkeling en persoansfoarming is in miste kâns yn it ûnderwiis. Ek âlden binne harren net altyd bewust fan it belang fan Frysk foar de ûntwikkeling fan har bern. In folweardiger plak fan kultuer en identiteit njonken en yn gearhing mei taal soe de rol fan âlden yn dizze fersterkje kinne. Tink oan ekskurzjes, ferhalen út it ferline en mienskiplik meidwaan (âlder/bern) oan kulturele aktiviteiten. Foarbyld fan dat lêste: 'Taal yn byld', in projekt dêr't âlden en learlingen mei-elkoar soargje foar posterteksten yn ferskillende talen, sa as it Frysk.

Probleem 10. Marzjinale rol fan it Frysk yn de skoalorganisaasje.

Frysk spilet op it mêd fan belied in beheinde rol yn (fû-)skoalorganisaasjes. It is in 'lyts fak'. It is op de measte skoallen in lyts ûnderdiel fan it les- en taakoanbod. Op in soad skoallen is beliedsfoarming en kwaliteitsferbettering foar it fak ôfhinklik fan in oantal entûsjaste learkrêften. Dy minder wichtige posysje behinderet de ûntwikkeling fan it fakgebiet.

4. Ontwikkelingen

Yn dizze paragraaf geane wy fierder yn op de foarnaamste ûntwikkelingen foar it leargebiet Fryske taal & kultuer. Dêrby meitsje wy ûnderskied tusken maatskiplike en politike ûntwikkelingen en ûntwikkelingen yn de ûnderwiispraktyk.

Maatskiplike en politike ûntwikkelingen

Der binne maatskiplike en politike ûntwikkelingen dy't fan ynfloed binne op it leargebiet Fryske taal & kultuer.

- **Taalplan 2030:**

Al earder is it Taalplan 2030 neamd. Taalplan 2030 is it belied dat de provinsje Fryslân op it stuit útfiert. It doel is dat alle skoallen yn Fryslân fan 2030 ôf omtinken besteegje oan alle kearndoelen fan it leargebiet Fryske taal & kultuer. De ûnderlizzende ambysje is dat alle learlingen earlike en gelikense kânsen krije om de Fryske taal te learen en/of de feardichheden dêryn út te wreidzjen, oan hokker skoalle se ek ûnderwiis folgje. Dat betsjut foar in soad skoallen dat se harren oanbod flink útwreidzje moatte en harren ambysjes ferheegje moatte. Mei de komst fan dit belied hat de provinsje ynset op ferbettering en it hanthavenjen fan it (wetlik ferplichte) oanbod Frysk op alle skoallen.

- **De feroarjende taalsituaasje yn Fryslân:**

Undersyk lit sjen dat it gebrûk fan it Frysk mei partner en/of bern stadichoan ôfnimt. Boppedat hawwe hieltyd mear learlingen hjir, lykas yn de rest fan Nederlân, in oare thústaal as it Nederlânsk en/of Frysk, bygelyks in Arabyske taal, Poalsk, Ingelsk, Spaansk, Sjineesk, ensafh. Frysk is dus foar hieltyd mear learlingen in twadde of sels tredde taal. Dat hat gefolgen foar it brûken en learen fan Frysk yn it ûnderwiis, dat hieltyd mear in meartaliger perspektyf krijt.

Troch it taal- en kultuerbewustwêzen fan learlingen te fergrutsjen, ûntwikkelje se sensitiviteit en in iepen hâlding ta dat talige ferskaat en kulturele identiteit en dogge se kennis op om de wrâld om harren hinne te begripen en te wurdearjen, om kontakt mei oaren te meitsjen, en om in maatskiplike posysje te finen. Dat jildt ek foar it Frysk.

- **Gelikense kânsen en it risiko op beheinde taalfeardigens**

De startnotysje fan it leargebiet Nederlânsk jout oan dat ús mienskip hieltyd hegere easken oan de taalfeardichheid fan minsken stelt. De wrâld wurdt kompleksere en de hoemannichte (digitale) ynformaasje dy't wy alle dagen ferwurkje moatte, wurdt grutter (Van der Velden & Bijlsma, 2019). Yn it befoarderjen fan likense kânsen en it tefoarenkommen en tebekringen fan ûngelikense kânsen hat it

skoalfak Nederlânsk fansels in wichtige ferantwurdlikheid.

Gelikense kânsen giet lykwols net allinnich oer in goede feardichheid yn it Nederlânsk. Foar mear gelike kânsen is ek it tebekkrigen fan diskriminaasje op basis fan taaleftergrûn oan 'e oarder. Foarbygean oan de thústalen fan learlingen benimt learlingen wichtige learkânsen en wurket demotivearjend (Agirdag, 2020). Dizze opfettings binne ek fan tapassing op it Frysk. De Fryske taaleftergrûn fan learlingen moat mear op wearde skat en benut wurde. Ek wiist Agirdag op de needsaak om multykultureel ûnderwiis te fersterkjen. Multykultureel ûnderwiis moat fierder gean as it omtinken foar spesifike feestdagen en yt- en drinkgewoanten. Tink bygelyks oan karren yn relaasje ta taalgebrûk yn formele en ynformele situaasjes op skoalle. De aktuele kearndoelen foar Frysk en dy foar Nederlânsk jouwe dêr beide gjin rjochtlinen of romte foar.

Yn it Taalplan 2023 spylje gelikense kânsen ek in rol. Learlingen dy't Frysktalich binne moatte net, lykas in soad oarstalige learlingen, sjoen wurde as taalswak op grûn fan harren minder grutte feardichheden yn it Nederlânsk, mar harren meartalichheid moat benut wurde om de feardichheden yn it Nederlânsk te ûntwikkeljen. Dêrnjonken hawwe net-Frysktalige learlingen rjocht op (mear) differinsjaasje en help om it Frysk machtich te wurden. In goede behearsking fan it Frysk spilet foar alle learlingen in rol. Frysk is ommers in taal dy't yn in sosjaalmaatskiplike en ekonomyske kontekst sprutsen wurdt. In soad learlingen bliuwe yn de provinsje te wenjen en hawwe ferlet fan it begripen en praten fan Frysk. Dêrby falt ek te tinken oan de maatskiplike rol fan it Frysk yn bygelyks de sûnenssoarch, de sjoernalistyk en de rjochtbank.

- Tanimmend berop op digitale feardigens

Yn de startnotysje fan it leargebiet Nederlânsk wurdt de groei fan de digitale ynformaasje-technology neamd. It giet dêrby om allerhande talige foarmen fan kommunikaasje dy't har ôfspylje yn digitale fermiddens. Ek Fryske autoriteiten en media brûke de digitale mooglikheden en publisearje Frysktalige ynformaasje.

Digitale feardigens freget fan learlingen dat se doelberet (digitale) foarmen fan ynformaasje winne en ynformaasjeoanbod leare te brûken. It giet dan om: ynformaasje sykje, dy kritysk beoardielje, selektarje, haad- en bysaken ûnderskiede kinne, ynformaasje brûke en sels nije (online) teksten produsearje (Carretero et al., 2017). It giet hjir om taalfeardichheden dy't universeel binne: feardichheden dy't yn alle talen tapast wurde kinne. Oarsom jildt ek dat dizze feardichheden yn alle talen leard wurde kinne!

Untwikkelingen yn it leargebiet

- Fyzje op Frysk taalûnderwiis

Tanimmend omtinken foar en ûndersyk op it mêd fan meartalich ûnderwiis hawwe de fyzje op de foarmjouwing fan ûnderwiis yn de Fryske taal & kultuer feroare. Dêr't earder noch út in ientalich perspektyf wei tocht waard, útgeand fan de taallearder dy't in twadde of tredde taal derby leart, komt der no in meartalich perspektyf. Yn dat perspektyf wurdt derfan útgien dat de taallearder syn hiele taalrepertoire oansprekt foar it begripen en learen fan nije talen. Der wurdt dus útgien fan yntegrearre

taalûnderwiis yn stee fan taalskieding. Dizze fyzje is net langer eksklusyf foar skoallen dy't bewust meartalich ûnderwiis oanbiede, lykas 3TS (pû) en MFU (fû) mar foar alle skoallen yn Fryslân. It ynsjoch dat in soad taalfeardichheden universeel binne, makket it mooglik om talen en fakken oan elkoar te keppeljen. Dizze yntegraasje kin it te fol wurden fan it ûnderwiisprogramma tsjingingean.

- Fyzje op effektyf lêsunderwiis

It lêsnivo en de lêsmotivaasje fan learlingen lizze al in skoft ûnder it fergrutglês. De Nederlânske jongerein lêst net graach en it nivo fan begripend lêzen sacket yn ferliking mei oare lannen. Dat stiet yn it PISA-rapport fan 2018. Ek it PISA-ûndersyk yn 2021 lit sjen dat Nederlânske learlingen net graach lêze. Dat hat ûnder oare laat ta in oprop fan Stichting Lezen ta in lêsoffinsyf. Stichting Lezen pleitet ûnder oare foar it fergrutsjen fan it omtinken foar taal en literatuer yn it ûnderwiis om learlingen wer te motivearjen foar it lêzen en lêsfearnichheid te stimulearjen. Yngrediïnten foar better lêsunderwiis binne ûnder oare: mear lêstiid op it roaster, rike en langere teksten en (hiele) boeken lêze, in langere perioade lêze oer ien tema en ferskillende soarten teksten yn in tema.

Ek de fyzje op de didaktyk fan begripend lêsunderwiis is oan it feroarjen. Yn de foargeande perioade lei de klam op it oefenjen fan lêsstrategyen, wylst no de ynhâld en betsjutting fan de tekst wer sintraal steld wurde. Lêsstrategyen binne wer in middel wurden en net in doel op himsels. Dizze feroarings foar Nederlânsk kinne ek op it Fryske lêsoanbod lein wurde. Lêsfeardigens kin yn alle talen ûntwikkele en tapast wurde.

- Fyzje op aktivearjend en ynteraktyf ûnderwiis yn de meartalige kontekst

It lektoraat Taalgebruik & Leren spilet in wichtige rol yn Fryslân yn it tinken oer en de ûntwikkeling fan it taalûnderwiis. It lektoraat ûntwikkelet projekten en ûndersiket dêrmei hoe't it (taal)learproses fan learlingen fersterke wurde kin. Dêrby is der omtinken foar meartaligens en Frysk. Taalgebrûk yn de foarm fan ynteraksje en ûndersykjend leare steane dêrby hieltyd sintraal. Ut ferskillende ûndersiken, ûnder oaren Dialogic reading practices (Maaïke Pulles), docht bliken hoe wichtich oft de kwaliteit fan de dialooch, foar bern ûnderling en ek mei de learkrêft, is foar de skriftlike en mûnlinge taal- en kennisûntwikkeling fan learlingen en hoe't dy boppedat bydraacht oan de sosjaal-emosjonele ûntwikkeling en identiteitsfoarming (Van Veen & Van Oers, 2017). De kwaliteit fan de dialooch wurdt sterk beynfloede troch de learkrêft.

5. Kurrikulêre útdagings

Yn dizze paragraaf geane wy fierder yn op de kurrikulêre útdagings foar it leargebiet Fryske taal & kultuer. De kearndoelen foar it leargebiet Fryske taal & kultuer moatte bydrage oan it ferbetterjen fan it kurrikulum Frysk, sadat alle learlingen yn Fryslân de kâns krije om mear kennis en ynsjoch te krijen yn de Fryske taal & kultuer, witte hokker rol sy spylje kinne as it giet om de beskerming fan Frysk as minderheidstaal, se harren taalfeardigens yn it Frysk fersterkje kinne en se oanjaan kinne yn hokker foarm/hoe't Frysk ûnderdiel fan harren identiteit is. Dat freget om in ryk oanbod mei gelegenheid ta kennisopbou en oefening troch funksjonele taaltaken, romte om it Frysk brûke te meien as leartaal mar ek as ekspresjemiddel.

Om dat alles te berikken moatte de kearndoelen aktualisearre wurde, sadat de stelde ambysjes better behelle wurde kinne. Wy kinne dy ôfliede út de sinjalearre knyppunten yn de aktuele kearndoelen (paragraaf 3) en de beskreaune ûntwikkelings yn de maatskippij en it ûnderwiis (paragraaf 4). Wy beskriuwe ien en oar as útdagings.

Yn de aktualisearre kearndoelen moat mear omtinken wêze/moat dúdliker nei foaren komme:

Utdaging 1: De rol fan en de wurdearring foar it leargebiet Fryske taal & kultuer foar de identiteitsûntwikkeling fan alle learlingen yn Fryslân moatte fersterke wurde.

Oft in learling wol of net Frysktalich grutbrocht wurdt en oft in learling opgroeit yn in Frysk- of net-Frysktalich gebiet, alle learlingen wenje yn Fryslân en hat dus te krijen mei it Frysk en is ûnderdiel fan de Fryske maatskippij. Om meidwaan te kinnen oan dy Fryske kultuer en dêryn maatskiplik suksesfol wêze te kinnen, moatte learlingen de kâns krije om te learen de Fryske kultuer en taal te begripen. ‘Kearnfraach dêrby sil wêze: hoe litte je dat yn de kearndoelen sa weromkomme, dat dosinten, skoallieders, metoademakker dêr harren wei yn fine?’

Utdaging 2: Yn in ryk oanbod moat it oanbod Fryske taal en kultuer net (allinnich) as fak op it roaster stean, mar moat it ek yntegrearre oanbean wurde yn oare fakken/leargebieten.

In soad taalfeardichheden binne universeel en hoege net opnij oanbean te wurden as der in nije taal leard wurdt. Leararen moatte ynsjoch hawwe yn dat útwikseljen fan taalfeardichheden, sadat it taalûnderwiis Frysk en Nederlânsk (en oare talen) inoar fersterkje. Yn sa’n perspektyf lizze kânsen foar learlingen, Frysk en net-Frysk, om harren feardichheid Frysk út te wreidzjen mar ek om harren meartalich bewustwêzen te fersterkjen.

In oar foardiel fan dat meartalige perspektyf, wêrby’t derfan útgien wurdt dat Frysk en Nederlânsk inoar foar in part oerlaapje, is dat it te fol wurden fan it ûnderwiisprogramma tsjingien wurde kin. Sa’n oanpak betsjut net dat Frysk as roastere fak skrast hoecht te wurden. It betsjut dat der (ek of mear) bewust socht wurde moat nei ferbinings mei oare leargebieten. Foarbyld dêrfan: yn de lessen skiednis oer it tema Gouden luw wurde ûntwikkelings yn Fryslân behannele, mei it gebrûk fan it Frysk as ynstruksjetaal.

Utdaging 3: It oanbod Frysk giet net allinnich om de taalfeardichheid Frysk mar ek om kennis fan de skiednis, it kultureel erfgoed en de sosjaal-maatskiplike situaasje fan Fryslân.

Frysk hat de posysje fan in minderheidstaal. Ek is it Frysk net weardefrij. Kennis fan kultuer, kultureel erfgoed en de rol fan de Fryske taal yn de skiednis kin begryp en motivaasje foar it Frysk fersterkje. Bygelyk om Frysk leare te wollen, de kar om sels Frysk mear te brûken, (mear) te respektarjen dat in oar Frysk praat of om de Fryske taal op in oare wize beskermje te wollen.

Utdaging 4. Frysk wurdt troch alle learlingen as (literêr) ekspresjemiddel brûkt.

Learlingen leare Fryske teksten te lêzen, begripen en wurdearjen. Teksten binne kultuerdraggers. Ek is it in útdaging om learlingen mear sels Frysk aktyf prate en skriuwe te litten, saaklik en ekspresyf.

Utdaging 5: Gearhingjend en doelmjittich ûnderwiis oanbiede.

Taalúntwikkeling Frysk hat, lykas it Nederlânsk, ferlet fan doelberet, funksjoneel en aktivearjend ûnderwiis. Taaltaken moatte mear keppele wurde oan in rike en relevante kontekst, sadat taaldomeinen mear meinoar ferbûn wurde. Troch funksjonele taken sille learlingen it Frysk better keppelje kinne oan situaasjes bûten de les.

Utdaging 6. Trochgeande learline Frysk pû-fû moat dúdlik en sichtber wêze foar alle belutsenen.

De doelen foar pû en fû moatte wat ynhâld (it 'wat') mear op elkoar oanslute. Yn it pû sil bygelyks omtinken wêze moatte foar kultuer & erfgoed. De doelen foar fû moatte goed oanslute op de eintermen. Dan kin de belofte oan alle learlingen yn Fryslân foar in trochgeande learline wiermakke wurde.

Utdaging 7. De ferantwurdlike ynstânsjes soargje foar it neikommen fan ferplichtings dy't folgje út wet- en regeljouwing.


Der sil hanthavening komme/bliuwe moatte, dy't rjochte is op de wetlike plicht om derfoar te soargjen dat skoallen Frysk yn it kurrikulum opnimme.

TAHEAKKE 2: GEARSTALLING REALISAASJETEAM

<i>Namme</i>	<i>Rol en ekspertize</i>
Frou. B. de Jager (Cedin)	Projektlieder Kurrikulum.frl Projektlieder Frysk en meartaligens Underwiiskundige Kurrikulumekspert pû en fû
Frou F. Terpstra (Cedin)	Senior Underwiisadviseur taal, meartaligens & NT2 Underwiiskundige Kurrikulumekspert pû
Frou E. Attema (Cedin)	Underwiisadviseur Frysk & meartaligens Kurrikulumekspert pû, Underwiisadviseur, (boppeskoalsk) taalkoördinator, ûnderbou-ekspert
Frou F. Visser (NHLStenden)	Undersiker en dosint by it lektoraat <i>Meertaligheid & Geletterdheid</i> by NHL Stenden en de Ryksuniversiteit Grins.

TAHEAKKE 3: GEARSTALLING FJILDGROEP FAZE FAN PROBEARJEN

<i>Namme</i>	<i>Probeart út yn</i>	<i>Plak</i>
Frou. J. Scheffer	pû ûnderbou	Bestjoer Roobol
Frou B. Atsma	pû ûnderbou	De Harkema
Frou A. Van Schepen	pû ûnderbou	Makkum
Frou L. de Jong	pû ûnderbou	Jirnsum
Frou S. Wijga	pû boppebou	De bHarkema
Frou M. Bouma	pû boppebou	Ljouwert
Frou R. Braaksma	pû boppebou	Feanwâlden
Hear J. Pinkster	fû ûnderbou	Ljouwert
Frou D. Daaij	fû ûnderbou	Dokkum
Hear Tj. Kooistra	fû ûnderbou	Burgum



TAALPLAN
FRYSK
2030